


164 E-10 3

---



160 E. 13<sup>3</sup>

# A L D E N N Y.

Rimen en Feltsjes for liu dy 't graech hwet in  
't iepenbier foarlêse wolle.

FEN

**Waling Dijkstra.**

*Oarde Printinge.*




TO FREANTSJER  
TELENGA.

RIJKSUNIVERSITEIT UTRECHT



0506 1563



## DE TICHTHÛSPREKER.

---

„Greate geasten hadde 't wol gau ris mei earmoed te kampjen en matte 't oansjen dat rike domhansen op 't keassen sitte,” plichte baes Hessel wol gau ris to sidsen. Hy wier sels in greate geast, matte jimme begripe. Hy moast sîn kost winne mei skroarjen en skearen; dat wieren dingen dy er dwaen moest om in stikjen brea to fortsienjen, mar sîn geast naem oars heger flecht. Dat hie men dalik in 'e rekken as men mar liesen hwet er op sîn fynster stie:

„hier Maakt men alle soort van Nieuwe man Luis kleeren. Ook kan Men naar de kunst haarknippen en Baardscheren! Kom vriden treet maar in Gij wordt hier Altijt klaar, Als ik niet Ben te Huis dan neemt mijn Vrouw het Waar,”  
Selfs Gemaakt H. P. KNIPSTRA.

De man waerd wol fülle brûkt ta 't skriuwen fen brieven for jonge liu dy troue scoene, of for liu dy soannen ûnder 'e tsienst hiene. Ek makke er wol brilloftsdichten en nyjierswinken; och! dat koed er sa moai dwaen; der helle er den in hele bulte út 'e skrift by oan.

Fen alles wist baes Hessel to forheljen. Dat de Batavieren hier op barten oandriuwen komd wieren en derom *Battevieren* hieten, en de Friesen trôch 't sterke friesen op in winter: dat stie by baes fest. En as er den ris oan 't fortellen rekke fen de *Ridder met de Zwane* of de *Verduldige Helena*, of fen de *Joodsche Wandelaar*, dy sîn heit by sîn libben sels sioen hie: den krigen men yens nocht net, al sieten men in hiele jûn by him.

Bij dokter wier baes wakker great. Sîn wiif hie der wenne for faem en wier yet wol gau ris jiffrouw hiar twade han.

Baes skreau gjin brief of rîmstik for in oar, of dokter moast it lêse en sîn miening der oer sidse: „hwent sôkke liu hadde near leard as ik,” sei baes, „as dokter seit dat mîn wirk goed is, den steur ik my oan gjin smeulske praetsjes fen oaren.” Nou, dokter sei altiïd dat it goed wier en nuvere moai; hwent dokter hied er nocht oan om baes op 't stoeltsje to helpen:

„Ho 't jy 't sa by 'n oar krye, baes,” sei er den, „ik ken 't my net bigripe: ik koe 't net dwaen al wier 't om noch safölle. Jy benne eigentlik to goed om op 'e skroarstafel to sitten en mei de skearbekken tröeh 't dorp to rennen.”

„Ja 't is sa, dokter,” sei baes den, „ik scoe ek wol greach min gaven hwet better brüke wolle: mar hwet scil in man as ik der oan dwaen? Jonge dokter, jy komme bij safölle liu: as der ris in post iepen kaem, moasten jy al ris in wurd for my sprekke. En oars moasten jy ris for my nei den *Haech* skriuwe, as 't ris wêse mocht dat er in baentsje los wier, dat se den ris om my tochten.”

„Nou, hwet post scoene jy den omtrent wol ha wolle, baes?”

„Ja, dat wit ik sels sa lik net. Fen sels ien der mar lêsen en skriuwen by to pas kaem: ontfanger of prokkereur of kom-saris of sa hwet.”

Nou ja, dokter wier den altiit for baes in 'e skrep, den skreau er hier hinne en den der hinne — sa makke er him wîs — mar 't slagge altiit mis. — De wierheid wier, dat dokter der gjin litse finger om útstiek: dat seille jimme, tink ik, ek wol bigripe.

Alle jierren, as nyjier in 't lân wier, kaem baes Hessel by forskate foarname liu in 't dorp mei 'n nyjierswinsk, — fen sels ek by dokter. As dokter den hwet tiid hie en der nocht oan hie, den kaem baes by him by de kagchel to sitten, en den moast er dokter sin rimstik forlêse. Dat ging den op disse menear:

„O dokter van ons dorp, wat sijt gij al gesegent.

Het is als het manna op u dak is geregent.”

„Hou baes,” sei dokter den, „jy matte efkes tiid dwaen; ik scil *Cats' Trouwing* ris krye.”

„Hwet den, dokter?”

„Der scil ik ris hwet in neisjen. Dat rimen mei jo, dat giet leau 'k, net goed; dy twade rige dy is fest fen *Cats*.”

„Né, wrachtich net, dokter! Jy kenne de hele *Trouwing* wol fen foaren ont efteren ta tröehbldsje, den fine jy 't yet net. It is allegearre út mîn eigen hölle, man.”

„Allegearre út jou eigen hölle? — Nou, ik wit oars ek wol dat jy net mei ligen piele; mar ik mat sidse, it is hast net to leauen, dat in man as jy sa 'n hölle het. It is alhiel in wonder!”

„Ja dokter, dat is in gave,” sei baes den hiel bidest en like de nederichheid sels, mar hy dyde wol in hanbré.

Sa wier dokter den mei him dwaende sa lang as 't hiele rimstik útlêsen wier. En dat durre in hiele poas, hwent baes

sîn stikl  
onder 't  
hwet is  
„Né, sik  
Sa ging

Preek,  
hwent h  
boek fol  
tsjin do  
kaem n  
him bys  
to skriu  
preek o  
forhelle  
nei hark

Ienke  
wier en  
oan dok  
fen sîn  
wolle.  
mei dat  
foar 't  
spræk

Dokte  
skik me  
dat me  
't mei l  
op meit  
den wi

„Né,  
mar 't

Dokte  
to prat  
sîn sin,  
forsik

„Nou

„No

„Mo

„Ja,  
allegear

omfier

„Hea  
scoe m

„Nou

sîn stikken foelen meastentiids hwet lang út; en jimmeroan onder 't lêsen die dokter ûtrôppen fen forwûndering: „Jonge hwet is dat in moaje slach! Ha je dat net út in boek?” — „Né, siker wier net, dokter!” — „Nou, ik stean forsteld!” — Sa gîng dat.

Preekjen, dat wier den oars baes Hessel sîn greatste nocht; hwent hy wier ek tige bilêsen in 'e skrift. Hy hie in skriuwboek fol preken dy er sels makke hie. Hy eamele er wol ris tsjin dokter op om, om dy preken in druk to jaen, mar der kaem net fen. En as er in preek fen in dominy hearde, dy him bysûnder sinnige, den gîng er nei tsjerktiid dalik sitten to skriuwen, en den hied er in de tiid fen in pear ûre sa'n hele preek op 't pompier — „wirdlik sa 't dominy spritsen hie,” forhelle baes sîn wiif, en as der ris in jûnprater kaem, dy der nei harkje woe, den hie 'r der yet mear nocht oan.

Ienkear in de simmertiid, do dominy in wike twa ûtfenhûs wier en der mar allenne sneintomoarns preke waerd, die baes oan dokter 't forstel, dat er wol ris op in sneinneimidei ien fen sîn preken in de tsjerke, foar 't boardsje, ûtsprekke scoe wolle. Dokter siet do mei in 't fiouerkant, derom doarst baes mei dat foarstel, dat him wol earder in 'e hölle onspile hie, foar 't liecht komme, om 't er do hope hie, dat er op foarspraek fen dokter wol tastimming fen de tsjerkerie krije scoe.

Dokter sei: „Nou, dat liket my fiks ta; der hab ik riucht skik mei. Mar jy witte baes, ik ben dyaken en dit is in ding dat mear op 'e wei fen de alderlingen leit. Lîkwol ik seil 't mei hiar oerlidse en 't hiar tige oanprate, der kenne jy staet op meitse. Do hie dokter gjin rest; sa faek as baes him seach, den wier 't: „Dokter, ha je der al ris mei de liu oer praten?”

„Né, yet net, baes! Ik mat net mei de doar in 't hûs falle, mar 't foarsichtich ûnderlidse, oars mocht it ouknappe.”

Dokter wier hiel end al net fen plan om er mei de liu oer to praten, en hy die 't ek net, mar do er baes lang enoch, nei sîn sin, op 'e tocht halden hie, do sei er: „Baes, nou ha 'k jou forsijk oan de tsjerkerie foarsteld.”

„Nou, ho stie 't?” sei baes fûl forwachting.

„No ja,” sei dokter, „hia wieren der allegearre wol foar . . .”

„Moai sa!” sei baes, „ik hab er al in preek for útsocht.”

„Ja, mar hou, baes, jy litte my net útprate. Hia wieren der allegearre wol foar, bihalven Doede Hofker, dy het de boel omfier smiten.”

„Hea noch ta!” sei baes biteutere, „hwet hie dy der op tsjin? scoe men sidse.

„Nou, dy praette, jy hiene forkearde stellingen in 'e hölle.”

„O! nou bigrip ik it al,” sei baes. „Dat komt wer út de koker fen Doede wiif. Hia en ik ha lesten ris oan 't praten west, do koene wy 't net lik fine. Lís halde mar stiif steande dat Paulus hie in joadske rabbi west en ik sei fen in gereformearde dominy.”

„Witte jy ho 't mei Doede Lís is, baes?” sei dokter wer. „Hia het de klok wol ris lieden heard, mar hia wit net hwer de bingel hinget.”

Doede Hofkers wiif, Lís, wier soort-allik sa 'n dorps-lan-tearne as baes Hessel; hia miende ek fen hiar sels dat se fülle wiser wier as in hopen dominy's. Baes Hessel mocht hiar net lye, en hia koe fen baes neat op. As de iene de oare priisgjen hearde, den wieren se inerlik grimmitich. Dat wist dokter wol en derom neamde er just Doede Hofker. Sa formakke er him jimmerwei mei baes.

Mar dokter bigûn op 't lest to tinken: Ik mei wrachtich wol ophalde mei dy kluchten, oars wirdt er al to gek. Hy bigjint in hekel oan sîn wirk to kryen en mient mar dat er in baentsje ha mat. Sökke liu benne er al mear as tofölle. Ik mat him mar ris in tobeksetter jaen, dat er wer ris in bitsje ta him sels komt.

Op in sniûntoûn, do baes by dokter kaem to skearen, do sei dokter: „Baes, nou wit ik goed nys for jo.”

„Ei dokter, hwet is dat?”

„De post fen tichthûspreker to Leauerd is iepen.”

„Jonge noch ta, dokter! scoe ik dat krije kenne?”

„Scoene jy der mansk for wêse, tocht jo?”

„Den mat ik preekje for de misdedigers in 't tichthûs, begrip ik. Nou, dat is omers in wirk dat alhiel in mîn smaek falt.”

„En as der den ris ien ophinge wirde mat,” sei dokter, „den matte jy by sa 'n kerel in sîn hok, om mei him oer de geastelike dingen to praten, en den matte jy ek mei op 't skavot, om for de earne sondaer yet ris to bidden, ear 't er oan 'e galge komt. Ho liket jo dat ta, baes?”

„Nou dokter,” sei baes heel demmen, „dat is in swierwichtich wirk; mar 't is oars ek in hearlik wirk. — Hofölle in-kommen scoe sa 'n post jaen, dokter?”

„Seishûnderd gûne ha 'k heard.”

„Der is gjin sjen nei,” sei baes. „Och heden noch ta, hwet wier 'k den in kerel! Scoed er hwet kans for my wêse, om dat to kryen? Jonge dokter, jy kenne der fest wol hwet oan dwaen.”

„Dat leau 'k al; oars scoe 'k er net tsjin jo oer prate. Jy matte mar ris in tige moaje brief opmeitse, en dy mat er op út.

Den kenne se dalik sjen ho knap as jy skriuwe en stelle kenne. En der matte jy mar fen alles in opneame hwet jij witte en kenne."

"Oan hwa mat ik dy brief haderescare, dokter?"

"Oan Sîn Majesteit kening Willem."

"O heden noch ta! nou wirdt it my to slim," sei baes.

"Ei kom, kom! hwet skeelt jy nou? Jy hadde sa lang nei in post útsioen, en nou 't er kans is om hwet to kryen, scoen' jy nou tröch de koer falle?"

"Né, for den dîveker!" sei baes, "sa net! Ik seil dalik oan 't skriuwen. Dominy en master halde hioed hiar bird; to minsten *ik* sny 't er net ou! Hwet rekket it my!"

"As jy de brief klear ha," sei dokter, "matte jy him my mar bringe, den seil ik 't adres er wol op sette; dat mat krekt *sa* en net oars — en den seil 'k him ek wol wei stiûre."

"Nou, dat is tige best oanbean, dokter. Ja, jy matte de brief ek altiîd lêse, as ik him klear ha. Moarn dokter!"

Danige rûm om 't hert kaem baes thûs. It wiif wier oan 't skrobjen. „Lieave sloof," tocht baes, „nou seit dou net lang mear oan 'e luiwagen hoeve to stean." En hy fleach mar tröch alles hinne nei de skroarstafel, en alles hwet der op lai, dat fage er in ien streek er ou en op 'e grûn. Wei mei dy lappen en leuren!" sei baes: „jimme scille my 't libben net lang mear lestich meitse."

"Hea, hea!" sei 't wiif, „hwet giet dat er tröch! Der leit eksteur sîn broek al in 'e wiette. Dy is hier niis brocht, der moast hwet oan dien wirde."

"Hwet rekket my eksteur sîn broek! Ik ben nou mei gauens in man, der eksteur gjin tel by is; den seil hy de hoed for my lichte matte. Jonge Saep, hwet stiet it nou moai for ús. Ik seil by wolwêsen tichthûspreker wirde, to Leauerd."

"Och hea," sei 't wiif, „dat is fest in rare post."

"Ei, hwet skeelt dy?! Wy wirde mînhear en juffrou. Seis-hûnderd gûne inkommen!"

"Jonge!" sei 't wiif, en hia roan fen forbasing in heal amerfol wetter omfier, dat baes de toffels fol krige.

"Hea, sa'n gegriem!" rop baes.

"Ja, fordomd!" sei 't wiif nidich, „ik dôch mîn skine goed sear."

"Nou, ik ben nedich oan 't skriuwen; ik mat in brief skriuwe nei de kening. Mar 'k ben oan 'e beide foetten wiet; ik mat droege hoasen ha. Jow my mar gau goeds."

"Sjen datst goeds krigeste! Ik hab oars wol hwet to dwaen. Sa 'n getsioen hier midden ûnder 't sniuns-wirk!"

Baes mirk dat it wiif de mûtse net goed stie, derom halde

er him stil en seach in waerme stove to krijen om sîn foetten hwet to druyen. Hy ging sitten to skriuwen mei de hoed ou en 't bopping út. Hy wier mar just goed to sit, do waerd er by de foardoar rôppen: „Folk!” — Der wier masters faem to freegen, hwerom baes net op 'e feste tiid komd wier to skearen? Master siet er op to wachtsjen; dy scoe út.

„Nou fanke,” rop baes, „dou mast master de groetenisse mar dwaen, en dat it my hioed net wachtsje ken.”

„Ho dîveker nou?” sei de faem, „der matte jy wachtsjen fen meitse. Jy matte mar gau komme; master is al likk.”

„Lit master op en del springe! Ik kom net. Ik hab nou wirk dat nediger is. Ik mat in brief skriuwe oan de kening.”

„Kom, kom!” sei 't wiif, „dat kenst moarn woldwaen. Gean mar gau nei master. Dou hest de seishûnderd gûne yet net.”

Do moast er wol foart, hwent as 't er op oan kaem wier er in bitsje bang fen 't wiif. Hia seach wol heech by sîn bysûndere geastesgaven op; mar hia fielde ek dat der net fülle trôch in de hûshalding kaem. Derom fitere se hiar man wol ris oan ta 't wirk, der hy soms net to hiet op wier. Nou wier se earst trôch 't klinken fen dy seishûnderd gûne al hwet bliid wîrden; mar do se hiar skine sa oan de amer staette, waerd se hoannich; dertrôch waerd baes al hwet ûnseaft nei master driuwn. Hia leaude sök ding lang sa gau net as baes.

De moandeitomoarns stie baes al by dokter in 't foarkeamerke mei in ûnbidich ein brief, dy er dokter foarlies. Derin forsocht er sîn majesteit de kening om bineamd to wîrden ta tichthûspreker to Leauerd, en hy joweh derby biustere heech op fen al sîn gaven en bikwaemheden. Dy brief floeide oer fen ûnsin en gekheden. Mar dat naem net wei, dat dokter it stik wirk aldernuverichst prisge, en hy onthiet baes, dat er de brief sa gau as 't koe, weistiure scoe nei *den Haech*. It is nou al in great fiiftich jier lîn; do wieren der net — sa lik as nou — in alle dorpen brievebössen; de brieven waerden do mar mei de skippers jown of mei boadskiprenders. Mar dokter sei tsjin baes, dat wier mei de brief oan 'e kening net bitroud, den mocht er net ris goed to plak komme: der scoe dokter wol for sorgje.

Jimme scille, tink ik, allegeare wol bigripe dat der neat fen kaem. Né, dokter droech de brief inpleats in 'e bûse, om him ris oan in goê friûn foar to lêsen, as 't sa to pas kaem. Likwol do der in wike of fiouer forroan wieren, do waerd er in greate brief by baes Hessel brocht, mei in stik of trije postmerken der op en in hele graete daalder read lak, lik as baes letter fortelde, — der stie op: „*Aan den WelEerwaarden Zeer Ge-*

leer  
stûr  
him  
H  
en  
S  
wis.  
dat  
L  
hîr  
Mar  
tich  
ear  
en  
"  
"  
dat  
"  
"  
'e  
bri  
sau  
"  
ma  
de  
"  
der  
Da  
pro  
"  
As  
net  
't  
l  
er  
,  
bro  
in  
ek  
I  
as  
Hv

leerden Heer baas Hessel Knipstra." — Der moast sechstsien stûren fracht fen wêse; mar do baes de brief lêsen hie, bigreate him dat neat.

Hy kaem mei dy brief in 'e han by 't wiif in 'e keamer en sei: „Nou Saep, hwet seist nou?”

Saep hie al in kear of hwet sein: „Dokter makket dy hwet wis,” — mar do se dy brief seach bigûn se doch to leauen dat it tinken wier. „Siuch gau ris hwet er in stiet,” sei se.

Dy oanmoanning hoefde baes net. Hy lies eigentlik fiers to hird en hy wier ek tofille oandien om dalik alles goed to fetsjen. Mar de korte inhald fen de brief wier, dat baes de post fen tichthûspreker to Leauerd krye koe; mar mits, den moast er earst sîn gaven hearre litte foar fiouer profesters to Freantsjer, en as dy him den knap enoch bifûnen, den wier 't klear.

„Dat liket my slim ta,” sei 't wiif.

„Ja, dat wirdt in swier krewel,” sei baes. „Mar moed halde, dat is de boadskip. Oars red ik it net.”

't Spriek fen sels, hy moast mar gau wer mei dy brief op 'e dribbel nei dokter ta. Dokter wist oars wol hwet er in de brief stie: hy hie 'm sels skriuwn. Mar hy harke fen sels mei saun pear earen, do baes him 't relaes tofoaren dreunde.

„Kom,” sei er, do 't út wier, „nou stiet it al goed. Nou matte jy mar ris in tige moaje preek klear meitse, om dy foar de profesters út to sprekken.”

„Ik ha wol in moajen ien,” sei baes, „dy der for tsienje ken; der ken 'k hier en der yet wol in bitsje foaring in meitse. Dat is 't slimste net, dokter; mar dy deale! om der for fiouer profesters it wird to fieren, dat wirdt yet al in swiere siou.”

„Hwette?” sei dokter. „Der tille jy ommers net swier oer. As ik it dwaen moast, den roan 't grif mis: hwent ik scoe net preekje kenne, al wier 't om mîn libben. Mar for jo is 't nen bit allegearre. Der ha 'k in 't minst gjin noed mei.”

Nou, it mat sîn hert ophelje,” sei baes; „ik hoopje dat ik er my trôch redde seil. Mar witt' je, dokter, der is yet hwet.”

„Hwet is dat, baes?”

„Mîn klinkebuis en brabanske hoed en kort mansjesteren broek: ho komt dat foar de hearen, tinkt jo?”

„Net goed,” sei dokter. „Ik wit wol ho 't mat. Jy matte in swart lekkens pak klean fen mines oan ha.”

Der wier baes tige mei in 't skik. Dat hied er by him sels ek al op 'c loer hawn, mar hy doarst er net rûnt om freegje.

Dy do klean by baes Hessel to meitsen hie, wier wiist keard as er se der mar wer wei helle en by in oar skroar brocht. Hwent baes sîn nillen birûsken in 't spealdekeassen; de skierre

en 't pars-iser hiene rest; hwent baes moast al sîn tiid brûke, om him klear to meitsen for de wichtige dei, dy er to wachtsjen hie. It wiif liet him stil bigean, hwent hia wier ek in in goed gelove komd trôch dy greate brief. Baes moast sîn hele preek fen bûten leare, hwent foarearst wier dit sîn proefstik, en hy hie altiid in hekel oan sôkke dominys dy alles út it boekje liesen: derom woed er dat sels út noch in net dwaen. Dat ging er is biuster om wei. De liu dy sîn hûs foarby gingen, mienden soms dat er deilis mei 't wiif wier, en bleaunen stean to harkjen.

Einlings briek de greate dei oan, hwerop de bûter jild jilde scoe. Baes krige in lekkens pak fen dokters oan. Mar dat jowch him in nuver oansjen, hwent dokter wier in ridlik great en swier kerel, en baes wier in lits en bihindich mantsje. Dokter jowch him in briefke mei, der stie de namme op fen de man, dy baes to Freantsjer opfreegje moast, en hy sei: „Nou matte jy der op fortocht wêse, baes, dy profesters kenne wol ris hwet nuvere gritsen meitse as jy oan 't preekjen benne; dat dögge se om jo op 'e proeve to setten as jy sôks wol trôchstean kenne. Hwent jy matte bigripe, dat tichthûsfolk, der benne rare fynten ûnder, dy kenne ek wol ris kluchten bigjinne as se nei 't preekjen harkje matte. En der matte jy deselde ûnder bliuwe, oars kenne jy de post net bitsienje.”

„As 'k mar ienkear safier ben,” sei baes „dat ik der foar hiar stean, den scil 'k dy oerkommelingen sa goed wol op hiar konsjensie knipe, dat se 't forjitte om kluchten to meitsen. As 'k sa net preekje ken, dat hja der hwet om jowe, den hoeve se my der ek net.”

Dat sidsen fen dokter siet him oars al dwars in 'e mage, mar hy doarst it net skine litte. Dat eksamen foar dy profesters der hied er wol fry fen wold, as er sîn sin sein hie.

Hy rekke op 'e reis. De bôksen hied er wol twa hanbré omtiard; hy koe de fingerseinen pas út 'e mouen stekke, en hy moast nou en den ris in tik oan 'e hoed dwaen, oars koed er net fierder foarût sjen as sîn noas lang wier, om 't de hoed him oer de eagen sakke. Hy hie de bûsdoek er oars ek al boppe in, mar dat help net noch.

Onderweis kaem er in boerehûs foarby, der kaem de faem ta de doar út rennen dy rop: „Keapman! wolle jy ek hwet fodd en bonkjen keapje?”

Baes kearde him forheftich om: 't Stiet dy net moai, in freamd menske de gek oan to stekken!”

„Och, mîn lieave man! nim 't my net kwea; ik miende dat jy Peke Joad wieren.”

Baes mompele der al wer hwet tsjin; hij wier lilck. It wier de faem oars in 't minst net om gekoanstekken to dwaen, mar hy miende 't.

Hy kaem to Freantsjer en mei help fen 't briefke dat dokter him mei jown hie, kaem er gau toriuchte. Net by in profester, net in in sprekseale of sawwet, — mar op de keamer fen in student, boppe in krudenierswinkel. Hwent jimme matte witte, dokter hie in omkesider op 'e studie, dat ek in earste bisfynt wier, en der hie er it mei oupraet: dy mei trye fen sîn maten scoene baes Hessel it eksamen ounimme.

Dy fiouer snaken sieten al by 'n oar klear en makken de alderfreamdste bûgeminten, do baes der in kaem. Mar hia krigen der al dalik moeite mei om hiar deftich en infieren to halden, en 't laitsen to bitwingen; hwent do baes tige bileefd sîn hoed ounaem bleau de wite bûsdoek him op 'e holle lidsen, en dy kuyere foart derop by sîn rech del nei de grûn, — sûnder dat baes it mirk. In de iene hoeke fen de keamer stie de *keteder* al klear, dy wier opboud fen sökke kisten en bakken, der dy greate winkelliu in 'e sted allerhanne waren in thûs krye, en der wier in foetbankje efter makke fen in eintsje planke op in pear fetsjes — mei opset sîn danige wiplich. Der moast baes op. Dat like him al hwet min ta, mar hij doarst er neat fen sidse; en hy tocht ek: der is net fülle gefaer fen fallen, — hwent dat foetbankje stie deun tsjin 't sket oan, dat steunde gans, en mei dat sket efter de rech koe baes tominsten net efteroer tommelje, tocht him. Mar dat sket wier mei pompier biklaid in baes seach net, dat er in doar in wier en dat se sîn sprekstoel der krekt foar plante hiene; hwent dy doar wier krekt allik mei bihangpompier biklaid as 't sket en slute goed.

Do ien fen de hearen baes sîn bûsdoek opkrige en him oerjown hie, en do hy him der in kear twa mei om 'e hölle fage hie, waerd er forsocht om mei sîn preek to bigjinnen. Hy ging op 'e kateder en rekke oan 'e gong. Mar 't wier as 't hert him tsjin de kiel oan siet. Al ho 't er him thûs oefene hie, al ho 't er him warde om doch hearskippe oer him sels to forkryen: de wirden kamen der, ta sîn great leedwêsen, danige hoatterich en stietterich út. Ik seil jimme foar de aerdichheid it bigjin fen baes sîn preek ris meidele. Hy hie sîn tekst út psalme 125, en hwet er der fen sei, hied er eigentlik meast ouharke fen sa 'n oefener of boereskûrrepreker, lik as der fülle wieren in de dagen do de Ouskieding op 'e lappen kaem. — De ienleiding wier sa:

„Seer geachte Hoarders! Wy leze boven deze piesalm: *Een*

*lied Hamaäloth.* (\*) Nuw segt men in de wandeling feel fan de hondertfiftich piesalmen Dawïds; maar dat is ferkeerdelik gesproken, want alle piesalmen benne niet fan Dawïd gemaakt; want daer sijn ook piesalmen fan Asaf. En als wy hier nuw so lese fan een liet Hammaaloth, dan siene wy daerût dat deze piesalm gemaakt is fan en sekere Hammaaloth. Wat man als die Hammaaloth geweest is, daer fine wy niet feel fan in de Waerheid beschreven; ik sijn fan gevoelens, dat hij is geweest een oppersangmeester op de gittith . . . ”

Ien fen de hearen profesters kaem ongemirken efkes mei de tean tsjin baes sîn foetbank oan — de preker rekke mei de rech tsjin de bihingde doar oan; dy snapte los, hwent dy wier der tofoaren al op klear makke, en baes rolle riucht op 'e rech, sa lang as er wûchsen wier op 'e linnensouder fen de krudenier. Der stie in wiif foar in dakfenster to striken, hia krige earst dy doar tsjin hiar oan en do rolle baes hiar foar de foetten.

Hia waerd sa alderheislikste kjel dat se hast mei de kop tsjin 't bisketten dak oansprong: „Duvel!” rop se en hia keilde baes fen boppen del it strikiser mei fiûr op 'e hûd. Dy doar siet oars altiïd ticht en waerd net brûkt, de student hied er in boekkas tsjin oan stean; dat wist dat menske wol, dertrôch waerd se safölle to kjelder. Dat dy boekkas hwet forlitsen wier om plak to meitsen for baes Hessel sîn preekstoel, en dat de doar der op set wier om los to springen sa gau as der hwet parsing tsjinoan kaem, — dat wist it wifke net.

De hearen holpen baes wer op 'e foetten en brochten it wiif ta bidarjen. Do seine se tsjin baes: „It moeide hiar alderdanichst, dat hy sa 'n ûngelök krige hie; nou koene se wol bigripe, dat hy fen de streek rekke wier, derom scoene se mar net fen him fergje om sîn preek fierder út to sprekken, hwent hia hiene bûtendat, út it jinge hia heard hiene, de oertsüging al krige, dat hy in bysûnder bikwaem man wier; hia scoene dwaen safölle as se koene om him oan to priisjen for de post fen tichthûspreker; hy hoefde nou fierder der neat mear oan to dwaen, mar hie to wachtsjen op neyer biskie, dat mei in wike twa wol komme scoe.”

Baes bitanke de hearen tige, en do droste er wer ou. Hy wier sa bliïd as in protter, dat er mar wer op 'e striette wier en makke handich dat er ta de sted út kaem.

De jûns moast dokter 't ek gau witte ho 't gien wier, dat spriek fen sels. By him sels moast baes bikenne, dat sîn ek-

(\*) Dit wird bitsiut: *Liet der Optochten*: Dy psalmen songen de alde Israeliten as se jierliks nei Jerusalem reisgen to peaske halden.

samen eigentlik net glansich enoch ouroan wier om er tige fen to sprekken. Hy hie in lits ûngelökje hawn, sei er, mar de hearen wieren oars best oer him foldien, en hia hiene sein hy hie in bulte kans om de post to kryen.

Do hie baes Hessel in minne wike twa, in tiid fen ûnwissens en ûnrest. Hy forwachte wer sa 'n brief mei sa 'n greate daelder read lak er op; mar dy kaem net. 't Wier al in de tredde wike, mar der kaem tael noch teiken. En den roan er dokter omtrint it hûs fen 't steed, to freegjen as dy der net ris hwet fen hearde of fornaem. Mar dokter sei: Né, hy wist fen neat, hy pinfske er wol ris nei, mar hy koe neat wîs wirde. „Mar sökke dingen wirde meastal lang op 't tou halden; jy matte mar moed halde, baes, it seil op 't lest wol goed komme.”

Einlings op in neimiddei kaem dokter by baes inrennen en wier danich op 't ein, op sin wise. Hy sei: „Nou is 't den divelsk, sje der!”

— „Ho nou, dokter?”

— „Och ik ben eigentlik sa nidich as in toer, mar 't helpt my nen bit. — 't Is al wer mis.”

— „Och hea noch ta, dokter! is 't mis? Wird 'k it net?”

— „Né, ik hab al flökt as in heiden, mar der kry 'k it net oars mei. Ien fen de greaten to Leauerd hie in neef, sa 'n earne lusangel fen in hearskip, matte jy tinke, dy om in kost-winning forlegen wier: dy het de post krige. De profesters fen Freantsjers hadde hiar best genoch for jo dien, der ken jy wol op oan; mar der wier neat oan to dwaen.”

„Nou, it is den heislik,” sei baes, „dat it forstan net mear op priis steld wirdt.”

„Dat meye jy wol sidse, baes,” sei dokter. „Mar jy hadde nou de proeve er fen krige, dat it for in man as jo slim is, om oan in baentsje to kommen, der hwet fet op sit. It is in ûs lits lantsje sa, as der hier of der hwet los is, den benne er for ien plak wol tsien lieafhabbers, en soms yet fülle mear. En den matte sliuchtwei liu it meast altiid forliese; hwent de greaten keatse alkoar de ballen ta. Derom ried ik jo nou as in goed friûn: hald jo foartoan mar mei îver by de nidle en 't skearmes. As jy der de kost mei winne kenne, den ha jy 't rommer en fryer as in amtener mei in lits inkommen, dy him fen sin oerhearen jeye en fiterje litte mat, en him faek de haet fen 't algemien op 'e hals hellet, om 't hy de skild kriget fen alles hwer de hearen him for útstiure.”

„Nou,” sei baes, „ik leau al dat jy gelik hadde dokter. Ik seil my mar wer mei nye moed op min handwirk talidse, den wit ik wis hwet ik hab.”

Dat het er fen dy tiid ou ridlik goed in 't each halden. En do er in poas dernei yet al ris wer tsjin dokter bigûn to jouseljen oer sîn preekjen, en dat it spitich wier, dat er mei sîn bikwaemheden net mear nut die: do sei dokter mei in fromme tronie: „Hark ris baes, jy meye wol hwet foarsichtich wêse mei jo preekjen en lêsen; doch dat sa lûd net, dat de mensken 't op 'e striette heare kenne. Jy witte wol dat er to Freantsjer in gekkehûs opriuchte is. En nou hab ik heard dat er in stilte oppassers oansteld benne, omtrint in alle dorpen: en as der nou ien is dy him hwet oars haldt en draecht as sliuchtwei hinne, die wirdt dalik opskriwn, en den wirdt it each op sa 'n ien halden, en as se bigjinne to tinken: dy kerel het in bulte kans om gek to wirden, — den wirdt er mar sonder warskouwen oppakt en nei 't gekkehûs brocht.” — Fen dy tiid ou hie dokter rest fen baes.

Wy kenne hierût wer sjen, dat witnis en kennis in menske net forliochtet en wiis makket, mar gek en blin, sa lang as er net safier komt, dat er sidse mat: ik wit eigentlik yet neat, Dit is net allenne fen tapassing op ûnderhanske dorpsdichters en prekers, mar ek wol ris op liu dy Mr. of Dr. foar hiar namme skriuwe. — Fierder leare wy fen baes Hessel, dat it for in sliuchtwei man wol goed is, dat er hwet kennis siket to forkryen; mar as him dat net better to plak bringt as 't baes Hessel brochte, den is 't sikerwier mar better dat er neat wit; hwent inbiending is slimmer as de treddeise koarts. — It forbettere folksonderwis seil der ta meiwirkje, dat men fen sôkke dorpswonders lik as baes ien wier minder komt to hearren; hwent as alle mensken mear leare, komme de ûtminters der tinder, of — hia benne echter.



## It Halskeatting fen Kening Richold.

De kening Richoldus, sa froed en sa from,  
 Sa kras en sa fiks op sîn dingen,  
 Wie 'r foar, liet him d' oarloch de hannen hwet rúm,  
 Om alles in order to bringen.  
 En as hy de namme fen kening him jowch,  
 Dy foar him gjin oerman fen Frislan ea droech,  
 Dy koed er mei eare wol fiere.  
 By krichskinst en moed, hied er deugd en forstan;  
 Hy boude riu slotten en dorpen in 't lan,  
 Hij woe mar fornye en forsiere.

Hy boude in *Azylum*, forbanden ta heil:  
 Hia koene de dead der ontrenne:  
 In jaachtslot in 't skead fen de beammen fen *Kreil*,  
 Dat wier for 't geriif mar allenne.  
 En as men den fen sîn paleis yet ris lest:  
 't Het wûndere prachtich en keninglik west;  
 Neat koe in dy tiid der by likje.  
 Yet fülle mear dingen fen Richold bidruwn,  
 Dy stean in de friske kroniken biskriuwn;  
 Dy lust het, dy ken se der siikje.

Mar ik seil fen kening Richoldus in set,  
 In aerdiche storie biskriuwe,  
 Dy fint men by de alde kronikskriuwers net.  
 Wol immen 't nou derom net leaue,  
 Den mat er it litte; mar dit wit ik fest  
 In Okke Skarlensis sîn skiedboek der lest  
 Men stikken dy 't briker yet benne.  
 Ek wirde er wol mear fen in kening of held  
 In hopen bysûndere fiten forteld,  
 Dy 't altiid net echt hiette kenne.

Richoldus dy wier mei sîn folk op in dei  
 Ris úttein nei 't Kreilbosk to jeyen;  
 Der siet er fol îver it wild efternei,  
 It wier him sa 'n nocht it to deyen.  
 Hy fleach tröch de toeken en strûken mei feart;  
 Hy telde gjin moeite en it lette him neat.  
 Al swîpke 'm in twîge om 'e hölle.  
 Mar einlings by 't resten ontdiek er — hwet spît!  
 Do wier er sîn moai gouden halskeatting kwît.  
 Dat hied er om tûsnen net wollen.

Dat hie sîn Odilba, sîn leafste him jown.  
 Do 't hy in sîn fleurichste dagen,  
 Ut suvere leafde oan hiar him forbûn;  
 En sûnt hied er 't altiden dragen.  
 Dus ken men bigrîpe, 't stie danige min.  
 De fynten dy moasten mar gau op 'e ren,  
 To siikjen der Richoldus jage;  
 Mar nimmen koe 't fine, ho trou as er socht,  
 En do 't hiar de sinne forliet mei sîn liocht,  
 Wier nimmen in 't werfinen slagge.

En hiene er do kranten en nysbledden west,

Den hic 'r it der in sette litten.  
 Dy wierren der net, mar hy die doch sîn best,  
 Dat elk it mar gau kaem to witten.  
 De finder ûnthiet er in keninglik lean.  
 Dat die do forksaten nei 't Kreilbosk ta gean  
 Op hoop dat it lök hiar ris tsienne.  
 De measten dy jowgen 't al skielik wer oer ;  
 Mar einlings do slagge 't in eareme boer :  
 It halskeatting fûn er allenne.

Bliid kaem er by 't wiif en hy sei: Ik leau wis  
 Hier scille wy rûmte tröch krye.  
 As ik tsjin de kening ûs tastand ris sids,  
 Den lit er ûs grif net mear lye.  
 As 'k sels him mar sprekke ken hab ik wol moed ;  
 Hwent Richold ûs kening is nuvere goed,  
 Dat wit ik fen foarige tiden.  
 Do ha 'k mei him efter de Noarmannen west,  
 En do dat biredt wier, hwet makke er 't do best !  
 Hy is 't wirdich om for him to striden.

De boer gîng nei Starum ; hy stapte sa prûs ;  
 Hwa scoe net permantich ek renne ?  
 Hy gîng mar riuchtût nei de kening sîn hûs,  
 En tocht: „Hy seil licht my yet kenne.”  
 Mar do 'r tröch de poarte fen 't slot hinne kaem,  
 Do fiede er dat immen by de earem him naem,  
 Dy sei: „Hwet hest dou hier to meitsen ?”  
 „Ik mat nei de kening, hwet rekket it dy ?”  
 „Dou biste frypostich, dat stiet dy net fry ;  
 Mîn plicht is 't for sökken to weitsen.”

„Mar ik hab de kening sîn halsketting fûn.”  
 „Jow oer mar, ik seil 't him wol bringe.”  
 „Né, derfor hab ik my de moeite net jown,  
 Dat 'k amper in 't bosk my forhinge.  
 Né, fynt, ik mat sels nei de kening ta gean.”—  
 „Dat leau 'k wol, den krigest in keningklik lean ;  
 Mar ik lit dy líkwol net renne,  
 Of dou mast my earst in bilofte hier dwaen,  
 Om my fen dat earlean de helte to jaen.  
 Dou hoefste dy bût net allenne.” —

„De helte, dat 's bot. As 'k in fierdepart jow,  
 My tinkt den kenst dou it wol wêse.

Ik siuch der yet twa sökke knapen as dou,

Dy mat ik wis ek yet bilêse." —

„Dat stiet!" sei de wachter en liet him foarby.

De boer kaem by de oare, dy 't wer op 'e ny

In part fen sîn jefte bitinge.

De tredde liet ek sûnder dat him net gean,

En dus koe de man fen sîn takomstig lean,

Ien fierde by 't wifke mar bringe.

Mar like dy boer al hwet lomp en hwet dom.

De knepen dy hie 'r in 'e moue.

Hy mîmere dat stiltsjes ris oer en ris om,

En tochte: dat scil jimme roue.

In fynt brocht sîn boadskip oan Richoldus oer;

Dy wier út 'e skroeven; hy roan nei de boer

En laette him friûnlik nei binnen.

De boer loek sîn finst ûnder 't oerkiltsje wei,

En sei: „Mînhear kening, ik bring jo hwet mei;

Dit halsketting seill' jy wol kenne." —

„O ja," sei de kening, „it wier my sa near,

Ik koed er net swiet mear om ite.

Dou biste, dat siuch ik, in kerel fen ear,

Ik sids 't dy, dat scil dy net spite.

Der wol 'k dy in tige bileaning for jaen.

Komoan, lit ris hearre, hwet deugd ken 'k dy dwaen?

Dou heste 't nou mar ris for 't sprekken.

Dou heste 't net maklik sa nuver in 't sin,

Of ik scil 't folbringe, sa goed as ik ken.

't Scil net oan mîn wollen ûntbrekke."

De boer sei: „Mîn kening, dat 's gnap fen jo sein.

Den scil 'k it in ienen mar sidse.

It is mîn bigearte, hier foar op it plein

Mei 't liif op in tûne to lidsen.

Den matte twa kerels, mei earmen fôl kreft,

My terskje mei skeppen, foaral net to scaft;

Mar ek ûnderwiles hwet telle,

Hwent fittich pear slagen, mear wol ik net ha.

En 't giet, as 'k mîn sin kry, in ienen mar ta;

Jy moasten 't jou folk mar bifelle." —

De kening sei laitsend: „Dou bist leau 'k in biis.

Dat útstel is ommers gjin tinken?" —

„Ja wol wis en wrachtich!" — „Nou, bist den wiis?

Dat benne ommers gekkeliu's flinken." —  
 „Ik hab mîn forstan yet sa goed wol as jo.  
 Ik ben in goê Fries, oan mîn wird bliuw ik trou;  
 Hioed dôcht dat, as 't wol giet, ris bliken.  
 Stean jy as in kerel nou ek by jo wird,  
 Den matt' jy mîn sin dwaen en ek mar ris hird;  
 'k Hab hioed yette mear to forstriken.”

De kening sei yet ris: „'t Is siker to gek!  
 Set, kerel, dy grap út dîn hôle.” —  
 „Né, né!” sei de boer wer, „ik hald mîn bistek,  
 Al bied jy my 'k wit net hofôle.” —  
 „Hawar!” sei de kening, „wy prate net mear.”  
 De tûne en de fynten wie'n wakker gau klear.  
 „Nou boer, bist nou rê? Gean den lidsen,  
 As 'k alles alteast nei dîn sin makke ha.” —  
 „Ja best; mar der benn' ik net dalik oan ta,  
 'k Hab earst yet in wirdke to sidsen.

„Dy wachters, dy trye, jy sjen se der stean,  
 Dy moasten jimme earst mar ris helje.  
 Hia matte ek in fierdepart ha fen mîn lean,  
 Dat wol ik in ienen bitelje.  
 Hia woene my keare as ik dat net onthiet;  
 Ik woe nei de kening, en derom ik die 't.” —  
 „Wel deales! benn' dat sökke skurken?”  
 Sei Richold. „Kom, röp se mij hier mar ris gau!  
 Dy boer is gjean sleaukes, ik fetsje dat nou;  
 Hia krye ris fiks lean nei wirken.”

De foarste kaem earst, mar op Richold sîn fraech  
 Stie 'r al hwet forslein en forlegen.  
 „Biken it mar earlik, ik gin it dy graech.” —  
 „Ja kening, ik ha 't just net frege:  
 De boer stelde 't foar en ik wegere 't net.” —  
 „'t Is bestich! Nou flij dy mar del op dat fet,  
 Den kenste 't in ienen mar krye.” —  
 Hy woe net to goed, mar dat died er net ta.  
 „Nou skepliu, dy mat fiifentwyntich mar ha;  
 Jim matte 'm bilieaven net mye.”

De boalen, wol orderlik elk oan in kant,  
 Bigûnen hiar skeppen to swayen.  
 Der ging it: klap-op! op in stevige trant;  
 En dat wier om 't effen gjin ayen.

De stumper dy spriek fen de rûmte net fel;  
 De kening dy lake, hy foel omtrint del;  
 De boer dy formakke 'm ek tige.  
 Mar de oare twa wachters dy laken just net;  
 Hia wisten, hia moasten der ek op dat fet  
 Dat ha hwet hiar foargonger krige.

Hia telden der krekt fifentwyntich him ta;  
 Dat wier al moai skielik biredden,  
 En derop moast dalik de twade er fen ha,  
 En einlings to leste de tredde.  
 Do wier 't oan de boer ta, mar 't bîsfyntsje sei:  
 „Nou is 't sikerwier al sa let op 'e dei,  
 Dat ik mat de sted wol forlitte.  
 Ik kom hier ris wer om mîn oandiel fen 't lean.” —  
 „Dat 's goed,” sei de kening en liet him sa gean;  
 Mar tocht: „Ik seil him net forjittte.”

De boer gîng nei hûs, en sîn lanhearre roan  
 Him tichte by 't hiem al tomiette.  
 Hy wist dat sîn boerke dat halskeatting fûn;  
 Nou woed er ek de ûtkomst wol witte.  
 „Ho is 't?” frege er, „renste fen 't jild hast al brik?”  
 „Né, né!” sei de boer, ik ben yette net rik;  
 Sa 'n man wol net dalik bitelje.  
 Us kening Richoldus dy het tsjin my sein,  
 Dat as ik to Starum ris kaem mei de wein,  
 Den moast ik mîn lean mar ris helje.”

'k Mat sidse, hiel min is dîn tatîding net;  
 Dy fînst seil dîn bûse yet stîfje.  
 Mar heste nou faek ek fen skîven forlet,  
 Den koe 'k dy wol efkes geriifje;  
 Hwent ik hab de rûmte wol lidsen. My tocht,  
 As ik nou de boel op 'e rûs fen dy kocht,  
 Dat scoe for ûs beide wol kenne.” —  
 De boer sei: „Dat liket wol aerdich my ta;  
 Jy witte, dat ik it fen 't romste net ha,  
 En 't skînt dat jy hannelber benne.

„Ik seil mar ris easkje, dat stiet doch oan my;  
 Ik seil 't ris moai skiklik bitinke.  
 Mîn hûs mei de tritich pûnsmiette der by,  
 Dat matt' je as mîn eigen my skinke.  
 Den gean wy togearre nei Richoldus ta;

Den sids ik: „Dy man mat mîn jefte nou ha.”

Hy seil ûs by wirden wol leaue,  
En oars mat de kening sîn skriuwer der by,  
Den ken dy de saken for jo en for my  
Nei de eask fen de wetten biskriuwe.”

De lanhearre doarst dat in ienen net dwaen,  
Ut frees fen der by to forliesen.  
„Mar,” tocht er, „Richoldus is riklik in 't jaen,  
Dat wit ik, hy haldt net fen kniesen.  
Dit keatting bitellet er stielich ek goed.  
Hy het der sa'n swak op, hy wier sa in noed;  
Odilba het dat him ris skonken;  
Hy siucht op in pongfol riksaelders nou neat. —  
„Nou boer, ik mat sidse, din eask is hwet great;  
Mar doch, ik nim 't oan, it is klonken.”


En de oare deis handich de guds foar de wein;  
Hia rieden nei Starum togearre.  
Hia rieden foar 't keningspaleis op it plein;  
De kening kaem foar op it hearren.  
De boer sei: Mîn kening, mîn part ha 'k forkocht  
Hier oan disse man; hien' jy der wol om tocht?"  
De kening sei: „Dit is wer nuver!  
Ha jy mei de hûsman sa'n hannel bigûn?" —  
„Ja kening,” sei lanhearre, friûnlik en rûn,  
„Dy hannel is earlik en suver.”

„Mar gau,” sei de kening, „de tûne hier wer!  
Röp dalik de liu mei de skeppen!”  
Dat hied er net sein of sîn folk seach men der  
Nei rennen en draven en skreppen  
En allegear wier 't in in omsjen wer klear.  
„Woll' jy nou sa goed mar ris wêse, mînhear,  
En gean op dy tûne der lidsen?" —  
De man wist net hwet er der hearde en der seach;  
Mar Richold brocht kort bim de saek ûnder 't each:  
Do hied er net fülle to sidsen.

Hy woe fen dat grapke mar al sa leaf fry,  
Mar derfor hie Richold gjin earen.  
Hy moast op 'e tûne, en 't gîng wer op 'e ny  
Oan 't terskjen en laenhearre oan 't bearen.  
Dat wier for him likwol it slimste yet net;  
Hy miste de pleats, 't wier biskriuwn en biset;

Der holp him gjin tsieren en gnorjen.  
 De boer rop forbliid: „Nou hoef ik jier op jier  
 Net mear to biteljen sa'n hege lanshier;  
 Nou hoef ik net langer to gorjen.”

En Richold jowch yette dy aerdige snaek  
 It lean for sîn finst en sîn grappen.  
 De kening formakke 'm tonei yette faek  
 Oer 't jaen fen dy finnige klappen.  
 De boer kaem wer thûs by sîn wiif op 'e jûn,  
 En sei it hiar hwet er tröch 't halskeatting woan,  
 En 't menske forhûge hiar wakker.  
 Sa krige hier jildsucht riuchtfeardich hiar lean.  
 Sa moast it dy skrabhansen faker forgean,  
 Licht waerden se den wol hwet makker.



## STIENS EN BRITSUM.

*Sage.*

Alear, foar mear as tûsen jier  
 Forkearden hier in 't lan,  
 Soms kerels, bare great en swier,  
 Skoan lits meast fen forstan.  
 Mar sterk! der wier jo de ein fen wei.  
 Hia koen' hwet oudwaen in in dei!

Hia diene 't ek in 't iten grou.  
 Sa ta hiar moarns-ûnbît  
 In stik twa baergen of in kou,  
 Dat wier hiar net in bit.  
 't Ging altiid mei hiar bot en rûch;  
 Al hwet er oan wier, wier onfûch.

Binoarden Leauerd wieren do  
 Twa nye dorpen set,  
 Mar hwet men ek bitinke koe,  
 Derfor de nammen net,  
 Twa reusen hadde yet op 't lest.  
 Unwittens derta 't middel west.

Dy knapen hiene in feart oannomd  
 To graven, ticht der by.

Hia krigen fen dat wirk de rûmt,  
 Hja hiene gjin party,  
 Om 't elk fen hiarren, as er woe,  
 Sofölle as fitich oaren koe.

In bôlepream en dy midstwa,  
 Der hien' se skeppen fen.  
 Oar ridskip hien' se er ek net ta.  
 't Woe wakker nei hjar sin  
 Omdat de grûn er brûksum wie;  
 't Gîng krekt as hien' se losse snie.

It wirk roan tige fen 'e tried.  
 Dat ienkear ien fen hiar  
 Sin fülle skeppe falle liêt,  
 Dat wie 'n lits unkje mar.  
 Dat skepfol modder, nei 't men seit,  
 Dat is de terp dy 't der yet leit.

De hûd waerd tige er efter lein;  
 't Swit roan hjar ût it hier,  
 En sa wier gau 't kerwei oan de ein.  
 Mar do wier 't ek sa fier,  
 Hja hiene 't beide foar de krint.  
 Der waerd ougriislik pûst en stind.

Hia gingen mei in stap of twa  
 Nei de iene tsjerke en toer.  
 En woene der hwet rest op ha.  
 Hia hingen hiar der oer.  
 Krekt as men leit oer de ûnderdoar,  
 Hiel nochlik, beide nest elkoar.

Hia layen der op hiar gemak  
 Sa nochlik en sa best.  
 Mia siuch, de tsjerke wier to swak  
 For sök in swiere lest;  
 Dy tearde stiltsjes wei rûngear.  
 Hia foelen beiden hiar hwet sear.

Licht hien' se der in sliepke nomd,  
 Hie 't mar hwet seafter lein;  
 Mar 't hie tofölle op 't liif oankomd.  
 Hia wrotten wer oerein,  
 En trafen sûnder lang birie  
 Nei de oare tsjerke, dy 't der stie.

Dy wier safölle sterker boud,  
 Dy droech de swiere lest.  
 „Fy, wien' we daelk hier hinne sioud,  
 't Hie fölle better west,”  
 En de iene, nochlik hingjend, sei:  
 „O wirge!” En de oare sei it him nei.

Dat dorp, hwaens tsjerke *britsen* wie,  
 Krekt as in spoenen doas;  
 Der de iene in iepen kin fen hie,  
 En de oare in tsiûke noas,  
 Dat moast — elk stimde derin ta —  
 De namme mar fen *Britsum* ha.

En der de slatters resten hien'  
 Sa nochlik as op fear,  
 Towil de tsjerke 't hie *forstien*,  
 Dat wier dat dorp ta 'n ear,  
 En derom wier men 't dalik iens:  
 Dat moast de namme ha fen *Stiens*.

Do waerd er oan dy nye feart  
 Yet ek in namme jown.  
 Elk hie dy reusen kreunen heard,  
 In ûre wol in 't rûn.  
 Der hiet dy feart *de Wirge* nei,  
 Lîk as er hiet ont hioed de dei.



## TWA KLOKJES.

Der hingje binnen in ûs hert  
 Twa klokjes nest elkoar,  
 Dy stimme mei elkoarren net,  
 Mar 't iene flökt tsjin 't oar.  
 It iene het in suv're toan,  
 Doch stiet ûs faek sin lûd net oan.  
 Mar 't oar, ho falsk it spîlje mei,  
 Der heart men meastal lieaver nei.

En dertröch wirdt mar al to faek  
 It ien fen 't oare oerbromd.  
 Wirdt soms in net to plûsse saek

Tröch immen ûndernemd,  
 Hy heart ho 't iene klokje ledt ;  
 „Dat is net riucht! Dat ken sa net !”  
 Mar lûd rôpt ek him 't oare in 't ear :  
 „It bart wol mear! It bart wol mear!”

„It is net riucht! it ken sa net !”  
 Dat slacht men net fülle acht ;  
 En as me er somtiids lest fen het,  
 As 't al to finnich slacht,  
 Den wint me er gau hwet doekjes om  
 En makket sa dat klokje stom ;  
 En as 't den al yet tikje mei,  
 't Wird by 't gebrom fen 't oare wei.

„It bart wol mear! it bart wol mear !”  
 Dat set er alles tröch ;  
 Dat is ûs plaster op it sear  
 By al ûs kwea gedöch.  
 Sels wirdt dat lieden: „'t Bart wol mear!”  
 Tröch 't fake hearren: „'t Mat om de ear!”  
 't Mat om 't bilang fen 't hûsgezin ;  
 Ken 't net sa 't mat, it mat sa 't ken.”

Baes timmerman het sîn kerwei  
 Moedwillich fiers to min ;  
 Hy wit dat hy net flappe mei,  
 Doch dôcht er 't, as er ken.  
 Mar as er hannelt tsjin 't bistek  
 Seit jimmerwei sîn klokjen ek ;  
 „Dat is net riucht!” Mar elke kear  
 Is 't ek wer: „Och, it bart wol mear.

Baes slachter kocht in longsiik rier,  
 Dat waerd by nacht him brocht.  
 It flesk wier blank allik in spier,  
 It waerd for goed forkocht.  
 Al hearde er wol it seaft gelied :  
 „Dat is net riucht!” — De winst is swiet,  
 Dy 't immen kryt op sa 'n menear,  
 En bûten dat: „It bart wol mear !”

Baes bakker wit, fen simmels komt  
 Gjin goed en smaeklik brea ;  
 Mar siuch, hy tinkt: ik ha de romt,  
 In bitsje mei gjin kwea,

En seit (howol sîn klokje ledt :  
 „Dat is net riucht, dat ken sa net!“)  
 „It bart wol mear, en ik dôch 't ek.“  
 En leech is baes sîn simmelsek.

Boer Gialt het for in heal deihier  
 In slatter in 'e sleat,  
 Tröch dat de man forlegen wier,  
 Hwent oars fortsienne er neat.  
 Dat Gialt de man forgees in 't swit  
 Fen 't oansicht wrotte en bodsje lit,  
 Dat is net riucht, dat wit er klear :  
 Mar och! hwet 's dat? — „It bart wol mear.“

Roel keapman kocht mar alles diûr,  
 Hy hie by elk kredît,  
 Sadwaende snapte er mannich boer,  
 Hwent nou is Roel faillît.  
 Nou wirdt er kibbe tsier en twist,  
 Mar hy het de aep al in 'e kist.  
 Is dat gjin greate skelmery?  
 Och ja! mar . . . „'t bart wol mear,“ tinkt hy.

Hans Wolf bistiûrt de tsjerkfaudy.  
 Men giet him net hiel nei ;  
 't Jild dat by kas is, der dôcht hy  
 Sîn foardiel stiltsjes mei.  
 En nearne wol er hwet oan dwaen,  
 Sa bang is Hans fen jild-ûtjaen.  
 Hy wit wol, 't giet net han foar foet,  
 Mar 't bart wol mear!“ — sa kryt er 't goed.

Lanhearre wit wol Ruerdboer het  
 De pleats to heech in hier.  
 Al skrept de man ek ier en let  
 't Giet earsling jier op jier.  
 Howol mînhear sîn klokje seit :  
 „Dat 's bloedjild!“ — op 'e societeit  
 Der klinkt it him wer lûd in 't ear :  
 „It bart wol mear! It bart wol mear!“

Jan freget by in skriuwer ric :  
 Sin saken benne oerstiûr.  
 Mînhear dy seit : „As ik jo wie  
 'k Skreau alles op jou broer.  
 Howol 't gjin licht fordrage ken,

It sprekt, ik hab er mines fen.  
 't Is ek nen bit; it bart wol mear."  
 Dat rent as lye malke in 't ear.

Baes Sierd sin soan dy lottet aan;  
 Baes giet nei dokter Spin.  
 „Minhear, sjen der in pong! — Min soan  
 Sin borst is bare min."  
 „Ja," tinkt minhear, „mar nei de wet  
 Bifryt it hem fen tsienjen net.  
 Mar derom net, it bart wol mear!  
 Dy pong is goed; ik spilje 't klear.

Hear doomny Koal hie snein op snein  
 De tsjerke leech bynei.  
 Mar op it lest do het er sein:  
 „k Ben op gjin goede wei."  
 Hy swaide 'm om en preke fin,  
 Do kaem it folk er hird op in.  
 Gau hie 'r in oar biröp: 't wier klear,  
 Tröch huchlery! — mar 't bart wol mear."

Grimmitus seit: „Hear recensent,  
 Op dichter Pilekaen  
 Hab ik in pik, jy matt' dy fint  
 In tige roffel jaen."  
 Hwerop de tolk der wisheid seit:  
 „Minhear hwet twisken jimme leit  
 Giet my net oan. Mar 't bart wol mear!  
 Ut friúnskip seil 'k it dwaen, minhear!"

En mannich wees wirdt wreed en hird  
 Forgraud, forskopt, fortriuwn;  
 En mannich swakke widdou wirdt  
 Ut hiar bisit fordriuwn.  
 Om 't Skrabhans, as it klokje ledt:  
 „Dat is net riucht! dat ken sa net!"  
 Him doaf haldt en mar drait sin ear  
 Nei 't nochlik lûd: „It bart wol mear."

Hwa wit ho mannichien forflaut  
 In 't passen op sin plicht?  
 Ho mannichien dy winst inklaut  
 Mei falske miette en wicht?  
 Ho mannichien jongfynt al net  
 De sedewet oertredde het?


Ho mannich faem hiar ear forlear,  
Tröch 't flayend wird : „It bart wol mear.”

Mar ek, hwa wit ho mannichien  
In stilte sit en sucht,  
En lit der mannich wanhoops-trien,  
Fen kwea bidriuw de frucht,  
Tröch dat hy jimmerwei 't gelied :  
„Dat ken sa net!” it swyen hiet,  
En op 't gebingel : 't Bart wol mear !”  
It paed forliet fen deugd en ear.

Mar menskebern ! as 't selsforwit  
Jimme ienkear, ier of let,  
In jimme binnest knau en bit,  
Den helpt it jimme net,  
Al liedt it klokje „Er benne mear  
Dy kwaels gean oan it selde sear.”  
Elk tôget den sîn eigen lest  
En elk fielt eigen lyen best.

O friûnen, hear den nei 't geröp  
Fen 't falske klokje net!  
Mar set for 't oare de earen op,  
Dat sa formoanjend ledt!  
En is dat somtiids net to klear,  
Nou, stem it op nei Jezus lear!  
Den wirdt it wis aloan en oan  
Mear suver in sîn klank en toan.

God meitse ús earen musikael,  
Opdat dy silverstem  
Us wêse mei as himeltael,  
Dy 't ús forbint mei him ;  
Hwertröch it *dissonant*-gebear  
Fen 't oare klokje mear en mear  
Us ûnfordraechlik wurde mat  
For 't geastlik trommeffiús fen 't hert.



## OAN DE RIUCHE BISTELD.

Foar lange, lange jierren, do 't alles fülle better wier as nou, alteas nei 't alde liu faek sidse; do 't men sa net hearde fen alderhanne slimme kwalen en fen tröchûndogense stikken; do 't de liu hiarsels net ophingen en forsûpten; do 't de iene menske de oare sa net in 't leach fierde; do 't men safölle bilesting net hoofde te biteljen en do der safölle earmoed net wier; do men fen gjin baergesiikte, ier'appelsiikte of longsiikte wiste en do de mensken net fen binaudheid nei Noard-Amerika teagen: do wier de Freantsjerter füllemerke ek fülle fleuriger as nou.

In dy tiid is 't ris bard, dat er op in jûn foar de Freantsjerter hîngstemerke in keapman op in hînsers de dik fen Snits nei Freantsjer lans riden kaem, mei in readtripen reissek efter him op 't hînsers, en dy reissek der wier in: acht hûnderd gûne, krekt op 'e kop. En 't like wol, dat dy keapman mear tochte oer 't jild dat er yet hope to winnen, as oer 't jild dat er al in 'e reissek hie: hwent hy stamde in de riuchte linie ou fen dy alde hear Habbinga, dy kort nei Adams fal to wrald komd is. En 't like ek wol dat de gasp fen de rime, der de reissek mei op 't hînsers fest siet, hwet rûm wîrden wier, alteas dy gîng los en de reissek foel op 'e dik, krekt in 't delrennen fen 'e Lîtselollumer terp. De keapman mirk dat net en 't hînsers koe 't net sidse, sadwaende bleau de reissek op 'e dik lîdsen. Mar do de keapman in 'e sted kaem en foar *de Roskam* fen 't hînsers sprong, do sei er: „Nou is 't den wol . . . .” Ja, ik wit net hwet er sei, mar hy seach rare biteutere, omdat er sîn reissek miste. De kastlein sei: „Jy meye wol gau werom ride.” — Dat like de keapman ek it beste ta, en hy die 't. Nou, hy bleau wol in pear ûre foart en do 't er werom kaem hied er yet allike fülle apels dan parren. Do sei de kastlein: „Jy meye 't moarn wol omtromje litte; as jy den in goede bileaning oan 'e fînder ûnthiette, licht krye jy den jou jild werom. — Dat tocht de keapman ek. En de oare moarns kaem de trommer de sted tröch en dy sloech sîn alde pikeniersroffel, en do der genoch liddichrenders om hinne gearroan wieren, en do der genoch frouliu mei lange halsen oer de doarren hingen, bigûn de man to rôppen: „*Hoort, burgers, hoort! Er is verloren in rood tripen reissak op 'e weg van Sneek na Franeker, met achthonderd gulden geld. De eerlike fînder die 't em weer terug bezorgt in de herberg de Roskam, sel honderd gulden belooning geniete.*”

It wifke fen in earme timmerfynt, dy 't in 'e skoallesteech

wenne, hie krekt de sted lans west om hwet moal en hwet salt, en do't se thûs kaem forhelle se hiar man hwet er om-tromme wier, en hia sei: „Jonge, jonge! as wy dy reissek ris fûn hiene, den hiene wy in ienen sa mar hûnderd gûne: dat wier in moaije instruying.”

„Der heste wrichtig gelik oan,” sei hiar man. „Mar ik seil dy hwet sidse. Lik aste witste, ik kaem jisterjûn fen Tsiom ou, mei mîn pipkoer mei ridskip op 't skouder, en der in 't delrennen fen 'e Lâtselollumer terp, der kaem ik to stroffeljen en ik foel op mîn hûd; mîn pipkoer ûnderst boppe. Mar ik moast gau ris fiele hwer 'k oer stroffele wier, — en dat wier in reissek mei jild. Nou, dy treau ik mar gau in mîn pipkoer, en ik klaude mîn ridskip wer by 'n oar, en dat er boppe op; in drevel en in pear boars-isers ben 'k yet al biuster. En do 'k thûs kaem wierst dou krekt de sted op, en do ha 'k dat jild gau ris teld, en der wier achthûnderd gûne, krekt op 'e kop. En do ha 'k de boel ûnder 't bedsté triuwn.”

„En woest dat nou stil halde?” sei 't wiif.

„Né,” sei de man, „sa net. Mar my tocht, de man dy 't miste, scoe der wol gau ruchtberheid oan jaen, en ik koed er slim nei pinfiskje. Nou seil 'k er dalik mei nei *de Roskam* ta, en den kom ik, by wolwêzen, strak werom mei hûnderd gûne, dat ûs eigen is.”

Do lake 't wiif dat se skodde; hwent hia koe 't hiar siker-wier net bigripe, dat it sa wêse koe.

De earlike man naem de reissek, der 't er in oare sek om hinne dien hie, ûnder de earm, en ging nei *de Roskam*, der 't er de keapman fûn.

„Is 't wier, keapman,” sei er, „dat jy in read tripen reissek weibrocht ha, mei achthûnderd gûne der in?”

De keapman sei fleurich: „Ja!”

„Is 't ek wier, dat jy de finder, dy 't jo dy reissek werom bringt, hûnderd gûne jaen wolle?”

De keapman sei oerlangsum: „Ja.”

Do sei de timmerfynt: „Den hab ik hûnderd gûne oan jo fortsienne. Hier is jou reissek; tel it jild mar oer.”

De keapman telde 't jild, wils 't de kastlein en sin wiif der beide bij wieren, en der wier achthûnderd gûne, krekt op 'e kop. Mar keapman Habbenga wier in man, dy 't de fingers sa stiene, dat se altiid nei him ta klauden. Under 't jild tel-len bigûn it tinkbield, om der sa mar hûnderd gûne for dy earne lûsangel fen in kerel ou to striken, — him sa hinderlik to warden, dat er op in ûndogense înfal kaem.

„Dou ûndogense snaek!” sei er tsjin de timmerfynt, „dou hest

er ommers al hûnderd gûne ou halden. Hwent ik hie my by de omröpเปอร์ forsiend in 't sidsen: der moast niuggenhûnderd gûne in 'e reissek wêse in plaets fen acht. Mar hawar! der hest er yet fiif gûne by, en nou mast my nearne net mear oer prate."

"Der seil de dêvel in slaen!" sei de timmerfynt; hwent hy waerd lilck. „Ik wol fen jo net for in dief útmakke wirde. Ik ha 't jild teld, sa gau as 'k er jisterjûn mei thûs kaem en der wier net mear. En nou matte jy it witte, keapman, as jy my hûnderd gûne jaen wolle, en oars seil ik it bringe der 't heart."

"Dat mast mar dwaen," sei de keapman, „den kinst dy sels in 'e fûke arbeidsje. Mar ast dou it net dôchste seil ik wol."

De timmerfynt liet de tsienners helje, dy telden 't jild yet ris oer, en de keapman en de kastlein en sîn wiif forklearren allegearre, dat de timmerfynt net mear werom brocht hie as achthûnderd gûne. De keapman allenne forklearre dat er yette hûnderd gûne mear wêse moast, hwent hy hie him forsiend, do 't er 't oan de omröpเปอร์ opjowch. It jild waerd in bislach nomd en de saek oanjown by de frederiuchter.

Sa gau as 't frederiucht siet moasten de keapman en de timmerfynt der foar komme.

De Freantsjerter liu foelen do destiids hwet nysgierrich; ho 't se nou benne dat wit ik sa lik net. It fleach as diggelfûr trôch de sted, dat de keapman en de timmerfynt foar 't frederiucht moasten, en alle liu seyen: „Ho seil de frederiuchter der kop of stirt oan fine? It is in deales gek ding; hwent it is doch mar sa gelegen: de keapman sîn „né" is allike goed as de timmerfynt sîn „ja."

Do 't er oan ta wier roan alles hwet skonken hie nei de riuchtkeamer, om ris to hearren ho 't de frederiuchter dat meitse scoe.

Do 't den de partyen foar kamen frege de frederiuchter oan de keapman, as hy der in eed op dwaen woe, dat in de read tripen reissek, dy 't hy, keapman, weibrocht hie, net wêse moast achthûnderd gûne, lik as hy, keapman, bikend meitse litten hie, — mar wol in wierheid niuggen hûnderd gûne.

Nou, de keapman sei: „ja!" hwent hy tochte, de frederiuchter mient dat sa net. Mar dy halde 'm in 'e riuchtkeamer mei gjin grappen op; hy sei kortwei: „Stek de fingers in 'e hichte en swar! — De frederiuchter sei him de eed foar, en — it scoe yen troch alles hinne gean, net? — De keapman swarde: hwent hy tochte, sîn eare foar de wrald fordere dat nou sa.

De omstanners grommelen en poellemûllen al wakker, hwent elk hie 't wol in 'e rekken dat it gjin goed spil wier.

Do sei de frederiuchter tsjin de timmerfynt: „Doare jy der

wol in ead for oulidse, dat er in de reissek, dy 't jy fûn ha, net mear as achthûnderd gûne west het?"

De timmerfynt sei swietfleuriich: „Ja mînhear!"

„Sa swar den!" sei de frederiuchter.

De timmerfynt stiek sin fingers ek in 'e hichte en swarde mei in frye konsjensie.

Do sei de frederiuchter: „Ik hald it er for, dat jimme beide opriucht sward hadde: jy mînhear Habbenga, dat jy in reissek mei niuggenhûnderd gûne forlern hadde; en jy, timmerfynt, dat jy ien mei achthûnderd gûne fûn hadde. En derop dôch ik disse ûtspraek: Jy, mînhear Habbenga, omdat de reissek, dy de timmerfeint fûn het, in oaren is as dy 't jy misse, — matte sa lang mar siikje dat jy jou reissek mei niuggenhûnderd gûne wer fine. En jo, timmerfynt, jow ik dy reissek mei jild, dy 't jy fûn hadde, to biwarjen, sa lang as der ien komt, dy 't foar 't riucht biwise ken, dat hy sa'n read tripen reissek mei achthûnderd gûnne jild er in — weibroecht het."

Dy ûtspraek stie de omstanners bysonder oan en hja seine: „Dat is oan de riuchte bisteld, oan beide kanten."

De keapman seach alderfreeslikste tai by de noas lans, en de timmerfynt ging sa bliid as in engel nei hûs. Hy het in poas der nei in gnep hûs boud, der 't er lange jierren in frede mei sin wifke in wenne het.

---

## De stiennen Uleboerden.

*Sage.*

---

Der wenne n't fier fen Engelum,  
 Foar trye of fiouerhûnderd jier,  
 In hûsman sliucht en riucht en from,  
 Mei 'n wiif dat kras en himmel wier;  
 En kloek en warber wie'n se beide,  
 Hia thús, hy op 'e bou en greide.

Sin alden lieten for him nei  
 In pleats, juist net hiel great, mar best,  
 Der wie 'r alhiel it jongkje mei;  
 Hy koe der libje sûnder lest,  
 As mar gjin al to swiere slagen  
 Sin libbenslök de doar út jagen.

Mar ho't it op ús wide wrald  
 Soms mei de dingen renne ken,  
 En dat dy 't het ek altiïd haldt,  
 Der is alhiel gjin sidsen fen.  
 Alteast dy liuwe, al hwet se diene,  
 Bimirken dat se net bistiene.

It boerke mar oanholdend min,  
 En hwer 't oan lai dat wist gjien ien,  
 Hia moasten jimmer, tsjin hiar sin,  
 By oaren freegje om jild to lien.  
 Sa hien' se 't hús en al hiar lannen  
 Al linkend wei alhiel forpanne.

De boer, swiersettich fen bistean,  
 Dy waerd der faek mismoedich fen  
 En sei: „It helpt my net in bean,  
 Ho 'k skrep en skoer en warber ben.”  
 Mar 't wiif, howol net ûnforskillich,  
 Bleau rûm om 't hert en droech 't goedwillich.

Hia sei: „'t Is krekt as 't by my leit,  
 It rent ús ienkear yet ris mei.”  
 Mar siuch, in nye swierrichheid  
 Jage ek by hiar dy hope wei:  
 Dat wier hiar alde wrakke skûrre,  
 Sa slop fen kape en swak fen mûrre.

Faek by in felle hirde wîn,  
 Den skodde en kreake er dat 't hwet die,  
 Der waiden den soms gatten in  
 Der 't hast gjin stopjens-ein oan wie.  
 Hia wie'ne er altiïd for biskromme,  
 De boel scoe yet fen boppen komme.

't Koe sikerwier net langer sa;  
 It fé hie 't kald en 't noat bidoar;  
 't Wier oan in nye skûrre ta,  
 Mar der siet gans in hinder foar:  
 De boer sîn pong woe dat net lye,  
 En jild koe 'r fen gjin ien mear krye.

't Wier op in hearstjûn, 't waide fel;  
 Us húsman wier allenne op wei;  
 Hy tocht: „Kaem nou mîn skûrre 's del,  
 Mîn hele wolfeart lai der mei,

Mîn lest wirdt alle dagen slimmer,  
To boppe komme ken 'k it nimmer.

Der kaem him ien fen eft'ren in,  
Hiel deftich in mencar en toan,  
Dy sei: Wel man! hwet skoert dy wîn;  
It komt op 'e alde skûrren oan." —  
„Ja," sei de boer, „ik frees dat mines  
Net mear bistan for disse wîn is."

De freamde sei: „'t Is sikerwier  
In dwaes, dy söks forslofje lit;  
Hwent waide nou jou skûrre omfier,  
Hwet hien' je 'n skea!" — „Ja friûn, mar wit,  
It stiet oan 't wollen net allenne,  
Men mat it ek bitelje kenne."

„O heden, man! as dat jo let,  
Ben ik de riuchte man for jo.  
As ik for jo in skûrre set,  
Den ha je 'm krees, goekeap en gau.  
Sels ear 't moarnier it liocht wer daget  
Ken ik dat klearspilje, as 't jo haget." —

Der skilde 't boerke siker fen:  
„As jy dat kenne benn' jy wis  
In tige rare timmerman,  
Dy 't mear ken as bitaemlik is;  
Hwent sûnder divelskinstneryen  
Is dat net foar elkoar to kryen."

Do sei de man: „Wird net forheard!  
Ik ben 't, dy 't hier it algemien  
De kweade neamt: mar dat 's forkeard!  
'k Hab altiid goed in oerflood dien.  
Ik help al riu forleeg'ne mensken,  
En graech foldöch ik ek jou winsken."

Alhiel forbûke stie de boer;  
Mar Hantsje sei: „Kom, drael net mear,  
Jaen willich oan mîn tsienst dy oer,  
Den is moarnier dîn skûrre klear.  
Lit earst in goed kontrakt ûs meitse,  
Den ken gjin ien bidragen reitse." —

„O né, forlieder! gean hier wei!  
Sa'n skûrre kaem my al to diûr.

Ho heech de need ek komme mei,  
 Dou hellest noait my derta oer.  
 Né! lieaver earremoed en skande,  
 As dat 'k mîn siele oan dy forpande." —

— „Mar as de stormwîn nou to nacht  
 (Hark, hark! sîn fluitsjen en gebear!)  
 Dîn skûrre tsjin 'e grûn oan slacht,  
 Den hest net ienris bisten mear.  
 Den seit gjin boer mear bliuwe kenne;  
 Dus meist dy wol ris goed bisinne.

„Mar jowst înpleats dy oer oan mij,  
 Den best in libben sûnder noed,  
 Mîn tsienst is lang gjin slaverny;  
 Ik sids it yet ris, ik ben goed.  
 It seil dy noait oan jild ûntbrekke,  
 As 't nedich biste kenst mar sprekke.

Ik meits dy 'n skûrre kant en klear,  
 Yet ear 't moarnier de hoanne krait.  
 En mist dat — op mîn wird fen ear! —  
 Den is de boel for my bikaid;  
 Den hab ik neat oer dy to sidsen,  
 Hwet hest der nou tsjin in to lidsen?" —

De boer wier mei himsels' in striid.  
 In hele nye skûrre sa  
 To kryen in so'n korte tiid,  
 Dat like 'm siker aerdich ta.  
 En nei 't er yet hwet hacketakke,  
 Do stimdê er ta: 't kontrakt waerd makke.

Hy sei tsjin 't wiif: „Ik ben in noed  
 Oer 't fé; as moarn de skûrre 'is lai!  
 Ik leau, 't is foar de nacht wol goed  
 Dat 'k al mîn bisten 't lan út jei." —  
 Dat ek it wiifke best talike;  
 Hia wist net hwet er efter stike.

By stormich waer en tsiust're nacht  
 Wier Hantsje alear faek op in baen,  
 Den krige er licht ien in 'e macht  
 Tröch greate ûnthietten mar to dwaen.  
 Nou is er nimmen mear to wille;  
 Sîn macht is oer, sîn jild forsille.

---

Engelum sloech toalve slagen  
 Wils 't de noarderbuyen fel  
 Oer de swarte lannen jagen;  
 Der saide in 'e lichte del,  
 Ut in tsiustere ûnwaerswolk,  
 Hantsje mei sîn timmerfolk.

Elk foar oar hie hwet op 't skouder;  
 Dy in pipkoer mei in ry,  
 Dy in kalkbak, en men sioude er  
 Doarren, posten, stilen by.  
 After tógen tsien by tsien,  
 Elkmes mei in lading stien.

Elk smiet gau sîn fracht er hinne.  
 Wils 't er himet, prúst en blait.  
 Baes rop „As we 't redde kenne  
 Ear 't moarnier de hoanne krait,  
 Jaen ik tritich ankers wûn!” —  
 Dat blaesde elk de moed wer in.

Trye slagen op 'e mûrre,  
 Mei in moker, rûm sa grou  
 As in beam, der lei de skûrre  
 Tsjin 'e grûn oan as in strou.  
 „Flink!” rop Hantsje, „fynten, kom  
 Meitse gau de boel hwet rûm!”

Nou, sîn fynten wieren machtich;  
 Linich wier 't ald goed der wei.  
 Dívelbanders, mear as tachtich,  
 Hie 'r as opperliuwe mei.  
 Fiftich tsioenters in it hôf  
 Bikken de alde stien hwet of.

Biuster gîng 't der op in houen,  
 Op in bûtsen en gereach;  
 Nuv're snieddich gîng it bouen,  
 't Wier as 't wirk om hegens fleach.  
 Hantsje hie gjin sorge mear  
 Of 't kaem op 'e tiid wol klear.

De boer lai op sîn bed to switten:  
 Hy hearde 't gîng er raer om wei.  
 „Och heden!” tocht er, „hie 'k it litten!  
 Nou is 't to let; mîn rest is wei.”

In net to stopjen wel fen rou  
 Ken soms ien amery ûs broue ;  
 In libben fol fen bitend sear,  
 En dat mar om hwet idele ear. —

't Geraes klonk ek sin wiif in 'e earen.  
 „Och hark ris !” sei se skril tsjin him ;  
 „Hwet is dat doch for freeslik bearren ?  
 It wirdt my sikerwier to slim.  
 'k Sei oars : ûs skûrre wait fen boppen,  
 Mar 'k hear ek jimmerwei goeds rôppen,  
 En klopjen en gebûts er by,  
 Soms dreunt it bedsté ûnder my.

„Haldt söks hier stand, den doar 'k net langer  
 Hier wenje, by sa'n near gespoek.  
 It waerd de boer ek jimmer banger,  
 Hoe neyer 't nei de moarntiid loek.  
 Hy koe 't op 't lest net langer swye ;  
 Hy sei tsjin 't wiif : „Dy tsiermerye  
 Scil dy net lette ; mar, o fy !  
 Hwet bitt're fruchten jowt it my !

Ik hab moedwillich me in 'e klauen  
 Fen aller mensken fyand jown.  
 Hy is for ûs oan 't skûrebouen,  
 Derfor ha 'k my oan him forbûn.  
 Hy scoe 't net redde, wier mîn tinken,  
 Mar nou begjint mîn moed to sinken.  
 'k Woe dat ik mar biwirkje koe,  
 Dat nou de hoanne kraye woe.” —

„O fy ! sei 't wiif „hwet mat ik hearre ?  
 Hest oan de kweade dy forkocht ?  
 Och hien' wy lieaver mar togearre  
 Mei krapte ûs alde dei tröchbrocht.  
 Koe 'k yet dat dûvels-wirk bilette,  
 'k Scoe alle frese op side sette.”  
 — „Né wiif ! dou makkest my net fry ;  
 De hoanne, lieave ! kraide dy !” —

Do koe se goed enoch bigripe  
 Hwermei hiar man to helpen wie ;  
 En frouliu, listich en bislipe,  
 Witte in 'e need hast altiïd rie.  
 Hia sprong fen 't bed, klapte in 'e hannen,

En kraide — it daverē in 'e pannen!  
 „Kûkûklekû!” wol trye kear,  
 Dat die se nuv're moai en klear.

En Bokke, in rest yet op 'e matte,  
 Waerd wekker fen dy held're klang;  
 Hy rekt sîn hals út op 'e matte,  
 En song sîn earste moarntiidsang;  
 Hwerop de hoannen der om hinne  
 Ienpearich hiar gekrai bigjinne,  
 Om 't gjin fen allen 't hirde koe  
 Dat hy de leste wêse scoe.

Hantsje, midden in sîn drokte,  
 Hearde skrilljend dat geröp,  
 Freeslik wier 't do ho 't er flökte!  
 „Fynten pak de spillen op!”  
 Rop er en do fleach er wei,  
 En sîn folk him efternei.

Ho 't se skrepten, ho 't se skoerden,  
 Ho 't se timm'ren, 't help hiar net.  
 Yet allenne de ûleboerden,  
 Sa nei wier 't kerwei biredt.  
 Hwerom rop dy hoanne nou  
 Krekt sa ûngewoane gau?!

Hantsje sei: „Nou swar ik jimme,  
 Mocht mîn plan al net bislaen,  
 Nimmen mat it ûndernimme  
 Om mîn wirk foart ou to dwaen.  
 Wirde er ûleboerden set:  
 By mîn kop! hia bliuwe er net.”

Dat sidsen het er ek folbrocht;  
 Hwent faek is 't efternei bisocht  
 Om ûleboerden op dy skûrre  
 To meitsen; mar as 't al hwet dûrre,  
 Hia wieren noat net heal to 'n ein,  
 Den wie'n se wer oan flarden slein.

Op 't lest do ha se 't ûndernomen  
 Om goeds to mitseljen fen stien,  
 En dat het goed fortuten dien,  
 Hwent de hie Hantsje sîn bikommen.  
 Dat like ûs maet wol oan to stean,  
 Alteast hy liet it oer him gean.

Men waerd in letter tiid wer stout;  
 Elk tocht, nou scill' se 't wer forkerfje;  
 Hia brocht'ne er wer goeds op fen hout,  
 Mar lieten dy as stiennen ferfje.  
 As Hantsje dat net mirken het?  
 't Ken wêze, mar ik leau 't oars net.

Ik tink, it scil him wol hwet stekke;  
 Mar siuch, hy doar se nou net brekke.  
 Hy is sa'n greate baes net mear  
 As in de dagen fen alear.  
 Hy wit de mensken slaen sîn macht.  
 Nou suver net in bit mear acht.

Komt immen soms fen Engelum  
 It binnenpaed nei Leau'd to gean,"  
 Den siucht er, tinkt er der hwet om,  
 Der ek dy boerehusing stean,  
 Dy 't in 'e wanling altiid yet  
 „De stiennen Uleboerden" hiet.

---

## De skinke fen baes Flip.

Foar lange jierren wenne er to Freantsjer in 'e Fiverstriette in skearder, dy 't baes Flip hiet. Dy man hie in hopen ta-ren, net allenne fen de stedsjes, mar ek fen de boeren út de omstreken; hwent hy naem immen it bird ou, sa seaft en sa nochlik, krekt as 't er mei in fear oustritsen waerd, om sa to sidsen. Mar derom wier 't allenne net, dat er sa fülle liu graech by baes Flip kamen; hwent goede skearders wennen der in Freantsjer wol mear; in hopen kamen der ek om 't baes Flip in aerdige prater en in fine sliper wier. Hy koe 't nuvere sniedich útstelle en wûndere gritsige stikjes koed er forhelje: der hiene de measten in biusteren nocht oan. Baes hie just net fülle ûnderwis hawn in allerhanne dingen dy 't út boeken leard wirde, mar derom hied er wol in sune kop. As hy nou, stel ik, safülle mei learen pield hie, as in hele bulte dôgge, sûnder in sune kop to hebben, — den hied er lichtwol for master opslaen kennen in dat greate hûs der 't er flak oer wenne: de Freantsjerter hegeskoalle mien ik.

Mar baes wier ridlik goed mei sîn libben tierd. By sîn skeardery hied er ek yet in winkeltsje fen spek en smoar en

wirsten en sahwet; der hied er goed sîn brea mei, en mei sîn klanten hied er alle wille.

Sniûntojûns, as de skearwinkel fol siet fen stedsjes en boereliu, den gingen der alderhanne praetsjes om, en as se 't net ris mei 'n oar lik fine koene, den wier baes de skiedsman. De redenasies wieren selde sa djeepsinnich, dat baes der gjin wei mei wist. Mei de domste liu hied er 't faek slimst to stellen; mar dy pierde er lieaver hwet as dat er forstannige reden oan hiar forspille, hwent dy holpen hiar doch net, dat wist baes Flip al lang.

Ienkear hie baes ris in gnappe skinke in de skearwinkel foar de skoarstienmantel hingjen to druyen.

„Ei!” sei Klaes Knoffel, „dy liket goed! It koe my net skele al wier 't mines.”

„Sa stean 'k er ek mei,” sei Sibe Kniper, „ik scoe him gau oan lîtsjild meitse.”

„Né, dat die ik net,” sei Jurjen Inpakker; „ik scoe him mei mîn wiif en berntsjes swiet inpakke.”

„Nou, kom oan,” sei baes Flip derop, „it komt my sa foar, dat dy skinke jimme allegearre de kiel útbiet; jimme kenne 'm krye, mits op konditsjes. De earste man, dy 't my biwise en oertsjûgje ken, dat er in 't alderminst net ûnder de plak fen sîn wiif sit, dy jaen ik dy skinke present.

„Nou, nou, baes!” sei Hessel blaufferwer, „dat is hird sein! Mar as 't er ta kaem, scoene jy wol trôch de koer falle.”

„Né, wrachtich net!” sei baes, „ik stean by mîn wird, sa grif as hwet.”

„Den leau ik,” sei baes smid fen 't *Noard*, „dat my de skinke takomt.”

„Den matte jy my dat mar biwise,” sei baes Flip.

„Dat ken 'k hiel wol dwaen,” sei de smid wer, „mar ik mat nou nedich nei hûs.”

Baes Flip sei: „As jy mei 'n wike of 'n fiertsien dagen wer komme, den ben ik yet de selde man, as in oar 't jo net ouwint.”

De oare deis plakte baes in pompier oan 'e skoarstienmantel, der 't er dit rimke op skriuwn hie:

„As immen my biwiist, dat hy

Is in sîn houlik suver fry,

En neat him hoeft for 't wiif to myen,

Den ken er disse skinke krye.”

Nou, der kamen al gau goeds, dy 't in nuveren sin oan dy moaje skinke hiene, en in hele bulte mienden, dat se 'm ek wakker gau binnen ha scoene, om 't se fen miening wieren,

dat er hiar mei alle riucht ta kaem. Mar den bigûn baes Flip hiar de fragen ou to freegjen, en den mochten sommigen it in poaske foarhalde om der flink op to antwirdsjen, hia foelen op 't lest allegearre trôch de koer. De iene ging laitsende de dôar út en de oare nidich, mar allegearre sûnder skinke.

Einlings en to leste kaem der op in sniûnneimiddei in boer fen Healbeam de skearwinkel instappen, dy woe sin bird wol misse. Dy lest dat rínke en dy seit: „Baes, heite, ast dou der for stietste, den is dy skinke mines, hear!”

„Dat seil der yet ta komme,” sei baes. „Jowst er suver neat om, as dín wiif gnorret of dat se tofreden is.”

„Suver net in bit, man!”

„Doarst wol mei moudige skoen op 'e matten komme?”

„Allike koelbloedich as dat 'k in boltsje op it.”

„Doarst it ûndergerdintsje wol foar 't fenster wei nimme, ast net noch útsjen kenste?”

„Wis en wrachtig wol! It deiliocht, dat ús forgees jown wirdt, dat wol ik brûke as 't my to pas komt.”

„Doarst de hinnen wol los renne litte, as de bleek fol doeken leit?”

„Der tink ik net om! As in 'e neisimmer de tûn rûm is, lit ik de hinnen los renne; den hadde dy bisten better hiar tier en 't hellel my hinnefoer út. Oan de frouliu hiar waskjen en plaskjen ken 'k my net steure; den moast ik grif altiid de hinnen fest ha.”

„Doarst wol by 't fiûr komme to piip-oanstekken, as 't moai stiet to barnen?”

„Hwa scoe my dat bilette?”

„Doarst dy wíks wol twaris skeare litte, as 't wiif seit dat it mei ienris wol ta ken?”

„Divekerse best!”

„Doarst wol in kou forkeapje sûnder it mei 't wiif oer to lidsen?”

„Mín hele bislach bisten wol, as my dat in 'e kop oankaem.”

„Doarst wol in goe friûn by dy forsiikje, bûten witten fen 't wiif?”

„Wol in hûs fol gasten. Scoe 'k der it wiif nei freegje?”

„Doast dín miening wol sidse, as 't wiif it folk gjin goed enoch iten jowt, nei dín sin?”

„Ja, en ek wol, as se 't to ûnbidich makket. Dat is se al wís werden, do 't wy yet mar kort trouw west hiene.”

„Doarst de bern, dy 't oan 't wiifs kant neamd benne, wol bruye, as 't wiif se foarstean wol?”

„Nou,” sei de boer, „dat hie 'k net tocht, datst my dat

freegje scoeste. Mar derom net, dat doar ik ek wol dwaen."

"Den seit dou wrachtich de skinke wol ha matte," sei baes. Hy krige de skinke del, skoerde de boer it baitsje los en treau him de skinke der ûnder. "Dou mast him in bitsje bistopje," sei baes, "oars rent it sa raer."

"Hou, de diveker!" sei de boer, "sa net!"

"Hea, nou, hwet is dat?"

"As 'k mîn skienne hindrok alhiel fet en smoarch meitse, ha 'k jûn in hopen gejeusel fen 't wiif."

"Och, dou koalle!" sei baes. "Jow my de skinke mar gau wer op! Dou mast him ommers net ha."

Do waard de boer alderdanichst útlake. Hy seach dat er him forsnaapt hie, en hy gîng mei biskamme kaken ta de skearwinkel út.

De liu dy 't der sieten seyen: "Nou baes, jy hadde net fülle gefaer om dy skinke op sa 'n menear kwit to reitsen, dat siugge wy nou al."

"It scoe my ek spite," sei baes. "Foarearst om de skinke, der ben 'k nedich jild út to meitsen; en den yet om it wifke, dat ûnder sa 'n kerel siet."

Do hinge baes in oar rimke oan 'e skoarstienmantel; dat wier sa :

Dy 't wêse wol in 't houlik fry,  
En den fen miening is, dat hy  
De baes mat spilje allenne,  
En 't wiif as sîn slavinne  
Mar jimmer foar de swipe het,  
Of peal en perk in alles set.

Of dat hier frydom in bistiet,  
Dat hy sîn gong in alles giet;  
't Net telt, is 't wiif mei reden  
Soms net to goed tofreden:  
Ho rûm hy op sîn wîse 't het,  
Hy ken de wiere frydom net.

Dy 't neat fen 't wifke fele ken,  
En fest stiet op sîn eigen sin,  
En sûnder 't riucht to tellen,  
Fiif fean bigjeart for 'n jellen,  
De noas in poat en tsjettel het:  
Bigriipt de riuchte frydom net.

Dy 't kommandearret, bromt en krast,  
Krekt as 'n oppronke sabelkwast;

Oer 't minste raest en kibbet,  
 Dat alles trilt en bibbert,  
 En mient den dat er frydom het:  
 Dy wit fen de echte frydom net.

Dy 't frydom sûnder teugels wol,  
 Krekt as in hîngst, dy 't woest en dol  
 Net stiet for fiûr noch wetter,  
 En alles slacht to pletter:  
 Dy ried ik dat er mar net trout;  
 't Jowt him net hwet it oaren jowt.

Dy 't oars net wol as wild pleisier,  
 En het oan bergewoel in mier,  
 En dy 't by tsjinnichheden  
 Is dwars en ûntofreden;  
 For hûslikheid gjin fieling het,  
 Dy wit fen de echte frydom net.

Dy 't faek sîn eigen hûs forlit,  
 En graech ris in in selskip sit  
 Fen greate swetsersbasen,  
 To rôppen en to rasen,  
 En sa sîn leed en soreh forset,  
 Dy wit fen houlikswille net.

In alles elkoar ta to jaen,  
 En elkoars lekken heine en slaen,  
 En elkoars swak hwet mye,  
 Mei seaftens skikke en flye:  
 De liu, dy 't der de slach fen ha,  
 Dy benne er stellich best oan ta.

Den wint de lieafde dei by dei,  
 En kweade nukken stearre wei;  
 Den deelt me in elkoars wille,  
 Den ken men lesten tille;  
 En den is 't houliksjök gjin jök,  
 Mar 't is in kranse fen gelök.

Gjin skande is 't — mient licht immen dat! —  
 Untsiucht men 't wifke jimmer hwet.  
 Waerd dat mar mear bitrachte,  
 Men hearde minder klachte  
 Fen houlekslesten dei by dei;  
 Mear nocht wie 'r op 'e libbenswei.

## SA BENNE ER MEAR.

Griet Slomp roan by de boeren rûn  
 Mei 'n sek mei skûrgoed; dermei woan  
 It menske in biuster skriël deihier,  
 En derom foel 't hiar dûbeld swier.

't Wier ienkear in 'e simmertiid  
 Smoarwaerm, it minske switte swiid,  
 En hwet die hiar de nekke sear.  
 Hia sei op 't lest: „Ik ken net mear!”  
 Hiar skûrgoedsek smiet se op 'e wei,  
 En do boarst se út in near geklei.

„Der, smoarge skûrgoedsek, lids der!  
 Mîn hölle tóget dy net wer.  
 Ik sleep en toai my krom en stiif,  
 Den ren ik yet mei 't lege liif,  
 Hwa scoe sa'n libben langer leste?  
 Ik woe wol dat de dead mar kaem  
 En me út dit wraldske lyen naem,  
 Den koe 'k to minste altiid reste.”

Sje der! de skrinkelman dy stie  
 Deun by hiar, ear 't se er erch in hie.  
 Hy sei: Benn' jy fen lest oerstjelpe,  
 Den wol 'k jo út jou lyen helpe.”

Mar och, hwet seach Griet Slomp do glean,  
 En haestich sei se: „Goede friûn,  
 Help jy my efkes, as jy wolle,  
 De skûrgoedsek wer op 'e holle!”

## IN OPPERMAN.

In poep forliet sîn wiif en bern;  
 Ny 't rike Frîslan scoed er tsjen  
 Om opgong in 'e wrald to meitsen,  
 As 't koe fen neat ta eat to reitsen.  
 En mocht er der for fest hwet bliuwe,  
 Den scoed er oan sîn wifke skriuwe.

Hy kaem in Fríslan oan, en roan  
 Sa lang 't er hwet to pielen fûn.  
 Earst hantsjemier, do polderjonge,  
 Mar 't jowch him gjin hiel tsiúkke ponge.  
 Do kaem er op in goede dei  
 Tolanne by in great kerwei  
 Fen timmerwirk, en 't poepke sei,  
 Hy wist hwet fen dat handwirk ek.  
 Nou ja, der wier in helper brek  
 Ta 't kalktameitsen, stienoanbringen  
 En yette mear fen sökke dingen.


Hy naem dat om 't er oars net hie.  
 Do, tocht him, moast er 't wiif ris skriuwe  
 Hy skreau den, dat er oansteld wier  
 „As opperman by timmerliuwe.”

In greate wike wier 't forlîn,  
 Hwet seach er do? Sîn smoarge Trîn  
 Kaem der, jandorie, by him rennen.  
 Hiar jonge poepkes en poepinnen  
 Dy siottelen hiar efternei.

Fol bliidskip spriek se 'm oan en sei:  
 „Du bist zum *opperman* erheben?!  
 Drum habe ich mich zum rais begeben.  
 Bist du hier solehen grossen herr,  
 Den lust uns d' armût auch nicht mear.”

„Ein herr?” sei hy, „wie kanst das meinen?”  
 Tien stuber jeder dag verdeinen,  
 Dabei mich warken lam und krum!  
 Pfû weib! was bist du schrecklich dum!”

„Johan, hast du mir das geschrieben,  
 Ich wahre freilich thaus geblieben.  
 Du habst geliegt, da'ch merken kan  
 Du bist ja nichts als *unterman*.” —



## De Dichter en it Jild.

### DE DICHTER.

Wa bist dou doch ? algebieder !  
 Ougodspöp fen lits en great !  
 Heechmoedspûster menskdom-skieder !  
 Drayersbaes in tsjerke en steat !

Riuchtforbûger, eedforbrekker !  
 Hertforstielder, ûnskildpleach !  
 Undeugds-plaster, skandedekker,  
 Trienneperser út it each.

Oproermeitser, lanforrieder,  
 Dieflantearne, moardpriems-oerd,  
 Houlikskeiner, faemforlieder,  
 Suv'rer fen ûnaedlik bloed.

Wisdoms blindoek, domheids krode ;  
 Libbens reispas oeral fry ;  
 Deugdfortredder, flayers bode ;  
 Friûnskips evener, oardiels ry,

Licafde-ûteaser, earmoedsknipper,  
 Luiheids swipe, slûchheids-fear ;  
 Felblanketsel, bogchelsliper ;  
 Mikroskoop for deugd en ear.

Rimpelglanser, hier-opferwer ;  
 Godforachter, divels-ai ;  
 Satans fûke, tichthûs-werver ;  
 Sielemoardner, hellekai.

List-ûtfinder, plannesmeyer ;  
 Wettesteller in elk gild ;  
 Spotskrift-skriuwer, deugd-ûtgever ;  
 Blinkende ierde ! klinkend jild !

Hwerom scoe ik skreppe en bodsje,  
 Grine dei en nacht om dy ?  
 Né, ik ken mîn earen skodsje,  
 Hwent — gjin oerlest ha 'k fen dij !

## IT JILD.

't Wol graech, dat immen smeult op hwet er sels net het,  
 En in 'e grun forgint er oaren it bisit.  
 Dat hy, al mient er sels fen net,  
 Klear út sin reden merke lit.

't Sy deugd of goede seden,  
 Of fülle oannimmelikheden ;  
 't Sy rikdom, eare of ginst,  
 Of rînkemeitsers kinst.

't Sy 'n wiidforneamde namme,  
 Of achting fen de fammen ;  
 't Sy moai hwet eigen lan,  
 Of 't sy in snoad forstan.

't Sy 'n soan, dy 't oeral klear is,  
 't Sy 'n sweager, dy 't hwet mear is,  
 't Sy 'n gnap en handich wiif,  
 't Sy 'n dochter kreas fen liif.

't Sy tûsen gûne oan renten,  
 Of feste traktementen,  
 Of wol in hege post,  
 Of sels in fette kost.

't Sy 'n hûs mei greate glêsen,  
 't Sy 'n santsje moaye blêsen,  
 't Sy 'n slachtbeest tige swier,  
 't Sy klean nei de earste swier.

't Sy skerpens in iens learen,  
 Of friûnskip fen de hearen ;  
 't Sy 'n libben fen gemak,  
 Of in 'e tsjerke in plak.

De dichters en de rînkeshongers  
 Benn' follentiids al keale jonges,  
 Fen der, dat me in de rîmlery  
 Safolle skimptael fint op my.

Mar meist my lilke nammen jaen,  
 Dat seil my neat gjin hinder dwaen.

In bulte kwea forwît men my,  
 Dat ik ûnskildich dildsje mat.  
 Forbett'rje mar it menskehert,  
 En 't is in order, sids ik dy !



## In grif middel for in slimme kwael.

De godstienst is in fülle saed  
 Fen treast for froede herten,  
 De beste liedsvrouw op it paed  
 Des libbens, faek fol smerten.  
 Fen alle dingen op 'e wrald  
 Neat dat sîn wearde sa bihaldt,  
 Tröch alle tiden hinne.  
 Wol him, dy 't hiar in 't herte het,  
 Ho fel den ek mei leed biset,  
 Neat scil him skeadsje kenne.

Mar wirde goud of muntpompier,  
 Of bearenborger krûden,  
 Of dimter koeke of jiffers-hier,  
 Of chokoladepûden,  
 Of Cats sîn rim, of Dokk'mer tai,  
 Of 't fabrikaet fen Holloway,  
 Of Goldberg's keattihgstringen  
 Faek neimakke om gewin of ear:  
 De godstienst yet wol helte mear  
 As al dy oare dingen.

Baes Jelke wier in fikse man,  
 Bimind by fülle liuwe;  
 Hy koe — dat wist er elk wol fan —  
 Sîn saken aerlich driuwe.  
 Hy wier in master in sîn fak,  
 Moarns ier, jûns let stie 'r op sîn plak,  
 En mei sîn folk hie 'r wille.  
 Hy wier inskiklik, goed en gol,  
 Mar wist derom sîn weetsje wol,  
 Hy wier ien fen dy stille.

Hwet hie sa 'n man nou wirdich west?  
 In wifke dat him like.  
 Mar dermei stie 't net al to best.  
 Sîn oare helt, sîn Hike,  
 Dy 't faken as in ûle seach,  
 Wier for hiar goede man in pleach.  
 Hy siet net ûnd'r 'e toffel,  
 Alleast dat miende 'r, — mar syn wiif,

Sa dealse koppich, stroef en stiif.  
Dy jowch him faek in roffel.

Hia wier sa sindlik as de bran,  
Of lieaver skiteldeftich.

It lear wier altiid in 'e han,  
En 't hûs dat wier to treftich  
Om to biwenjen tröch in tiid.

In harntsje fen gjin seis foet wiid  
Der moasten se in forkeare ;  
Der siichde 't altiid dat 't hwet die,  
En 't likte er braef as 't reinich wier,  
Nou, hwa scoe dat forneare ?

As baes den soms de galle oerroan,  
Den sei er : „Gjin gedûnder !  
'k Wirdt sa forkalden as in hûn,  
Dat is in lest fen wûnder !”

Den moast de faem de hûshaldboel,  
De tafel en for elk in stoel,  
Flink nei de keamer sioue.

Hy sei : „Hier sit ik rûm en fry,  
Ken 't hûs sa lang net mei as wy,  
Den scil 'k in nyen boue.”

Hwet hied er den ? In nidich wiif.

Poer glean wier den dy fekke ;  
En faek woe se in gjin dei of fiif  
Hiar man in wird tasprekke.

Al praette baes den lilc of moai,  
Gjin drigement en gjin getroai  
Koe den in grevel bate.

Hy wist de beste wise wie 't,  
Dat 'r hiar mar stil hwet stime liet ;  
Den koe se gaust wer prate.

Dy buyen hie se yet wol mear  
Om oare neatichheden,

En faek wier 't baes net ienris klear  
Hwet derfen wier de reden.

't Wier for de man in heislik krûs,  
Hwent kaem er fen sîn wirk jûns thûs  
Den fûn er der in stomme.

Hie baes den west as mannichien.  
Den hied er nei de herberg gien ;  
Mar der koe 'r net ta komme.

Hwet foel der foar? — Hiar dominy

Wier foar de nye leare,  
En fülle mensken derfen fy,

Dy woene 'm net mear heare.  
It dûrre n't lang, do kaem 't er ta,  
Hia woene in litse tsjerke ha.

In boer stie for de ballen,  
Hia lappen in gemeente gear,  
Der kaem in preker fen hiar lear,  
En 't spiltsje wier op rollen.

Mar noait net hietter is de bry

As pas fen 't fiûr ou dragen;  
En is in biesem yette ny,  
Den wirdt er skienst mei fage.

Dat spiltsje wier pas op 'e glead,  
Of 't krige leden by de fleet.

't Foroarjen en 't bikearen  
Dat wier oan 'e order fen 'e dei.  
Ek base Hike folge mei;

Hia hoefde n't lang to learen.

Baes Jelke sei: „Dat is mar skoan!

Nou seil 'k it rûmmer krye.  
Nou seil hia, hoopje 'k, hiar foartoan  
Hwet for dy nukken mye.

Docht hia nou as Zachéus die,  
Dy 't, hwet er by 'n oar skach're hie,  
'Twakear werom bitelle,

Den kry 'k in wiif, sa leaf, sa grien,  
Sa brúksom en sa saeft as ien.

Ho seil 'k it den wol stelle?”

Nou 't like goed. Hia wier net mear

Sa 't se altiid plicht to wêsen.  
Lins hien' de wriuwersdoek en 't lear;  
Hia siet inpleats to lêsen

Oer dingen, dy 't se net forstie,  
In boeken der 't se in tocht oan hie,

Dy 't hiar de friûnen brochten,  
Dy 't in 't belang der goede saek —  
Nei base sin al hwet to faek —

Frou Hike deis forsochten.

Den waerd er wakker redeneard

Oer it nye liocht en 't alde

It nye wier alhiel forkeard ;

Mei 't alde moast men 't halde,

De doomnys sprieken lieagentael :

Hia wieren priesters fen de Baal ;

En boas en ûnforstannich

Wier 't hele menskdom, dat stie fest.

En baes wier, as de hele rest,

De wierheid ek fyannich.

It hûs wier alle dagen fol,

As baes mar op 'e boer wie,

En as er thûs wier mirk er wol

Dat hy der sahwet oer wie. —

„Ik woan der wrichtig yet net by,”

Tocht baes, „dy bollebidderij

Der mat 'k in ein oan meitse.

As dat hier sa mar jimmer giet,

Den seil mîn hele boeltsje yet

Ris op 'e fesse reitse.” —

Hy sei tsjin 't wiif ris öp in moarn :

„Siuch Hike, dou mast leaue

Hwetst kenste, 'k steur my der net oan ;

Elk mat der fry in bliuwe.

Ik hald mîn eigen tinkbieldek ;

En fier is 't mis, nei mîn bestek,

Dat we elkoar derom haetsje.

Mar 'k merk, as ik om utens ben,

Den ha de friûnen hier de ren,

Den komme se op in practsje.

„Dat hier út friûnskip immen komt,

Ek dat mei 'k heel wol lye ;

Mar as ik thûs ben, ha 'k fornomd,

Dat den dy liuwe ûs mye.

Hwerom? Benn' hia den bang fen my ?

Ik wit it wol : der benn' goeds by,

Dy 't hier de kiel mar smarre.

Dy flayers renne mei dy wei,

En derom, lit dat lieaver nei ;

Dat mei ûs sa net barre.”

Hia waerd in ienen liik en spûn

Mar op mei skerpe reden.

En do 't hia dalik sa bigûn

Bleau Jelke net tofreden.

Hy sei: „Nou Hike, sids ik dy,  
Dat 'k dat gedöch net langer ly.

En doarst ik fierder weagje,  
Den seil 'k dat hele soadsje yet,  
Sa grif as ik baes Jelke hiet,  
Ris ta de doar út reagje.” —

Derop kaem Hike kwael werom,  
De boase sleat hiar mûle.

Hia wier wer as in peal sa stom  
En seach wer as in ûle.

„Der ha 'k,” sei baes, „wer 't âlde lest;  
Der ben 'k wer 'n dei of hwet oan fest.

Dat ha 'k nou for mîn bearen!  
Mar 'k wol en ken sa langer net;  
Ik moast hjar mei in liepe set

Dat al sjen ou to learen.

„Ik wit ho 't mat! Mar earst yet sjen  
Hwet seafte reden kenne. —

Lit, Hike, dat gestim bitsjen,  
Hwet kenst der doch mei winne?

'k Bekin ik jowch er reden ta;  
't Mat oars, mear wille kenn' we ha,

As we elkoar skikke wolle.” —

Mar halde er oan 'e keamersdoar  
Of oan sîn koppich wiif dat foar,

Dat wier allike fülle.

Do tocht er: Frou, nou giet it oan!

Dou hest in les togoede.

Hy gîng to mûk op sneintomoarn

Nei doomny Giselroede,

Krekt foar 't de man nei tsjerke scoe,

Hwertröch er earst net komme koe:

Hwent den hie 't plan net slage.

Baes sei: „De greate ûntsteltenis,

Oer 'n ding dat mei to wûnder is,

Het my nei jo ta jage.

„Mîn wiif is suver sûnder praet;

'k Leau grif hia mist de sprake.

En neat ken 'k fine dat hiar baet;

Is dat gjin freamde sake?

Dat sloech it sloof earjistermoarn

In ienen in in omsiuch oan.

It nye wier alhiel forkeard ;

Mei 't alde moast men 't halde,

De doomnys sprieken lieagentael :

Hia wieren priesters fen de Baal ;

En boas en ûnforstannich

Wier 't hele menskdom, dat stie fest.

En baes wier, as de hele rest,

De wierheid ek fyannich.

It hûs wier alle dagen fol,

As baes mar op 'e boer wie,

En as er thûs wier mirk er wol

Dat hy der sahwet oer wie. —

„Ik woan der wrichtig yet net by,”  
Tocht baes, „dy bollebidderij

Der mat 'k in ein oan meitse.

As dat hier sa mar jimmer giet,

Den seil mîn hele boeltsje yet

Ris op 'e fesse reitse.” —

Hy sei tsjin 't wiif ris öp in moarn :

„Siuch Hike, dou mast leaue

Hwetst kenste, 'k steur my der net oan ;

Elk mat der fry in bliuwe.

Ik hald mîn eigen tinkbieldd ek ;

En fier is 't mis, nei mîn bestek,

Dat we elkoar derom haetsje.

Mar 'k merk, as ik om utens ben,

Den ha de friûnen hier de ren,

Den komme se op in practsje.

„Dat hier út friûnskip immen komt,

Ek dat mei 'k heel wol lye ;

Mar as ik thûs ben, ha 'k fornomd,

Dat den dy liuwe ûs mye.

Hwerom? Benn' hia den bang fen my ?

Ik wit it wol : der benn' goeds by,

Dy 't hier de kiel mar smarre.

Dy flayers renne mei dy wei,

En derom, lit dat lieaver nei ;

Dat mei ûs sa net barre.”

Hia waerd in ienen liik en spûn

Mar op mei skerpe reden.

En do 't hia dalik sa bigûn

Bleau Jelke net tofreden.

Hy sei: „Nou Hike, sids ik dy,  
Dat 'k dat gedöch net langer ly.

En doarst ik fierder weagje,  
Den seil 'k dat hele soadsje yet,  
Sa grif as ik baes Jelke hiet,  
Ris ta de doar út reagje.” —

Derop kaem Hike kwael werom,  
De boase sleat hiar mûle.

Hia wier wer as in peal sa stom  
En seach wer as in ûle.

„Der ha 'k,” sei baes, „wer 't âlde lest;  
Der ben 'k wer 'n dei of hwet oan fest.

Dat ha 'k nou for mîn bearen!  
Mar 'k wol en ken sa langer net;  
Ik moast hjar mei in liepe set

Dat al sjen ou to learen.

„Ik wit ho 't mat! Mar earst yet sjen  
Hwet seafte reden kenne. —

Lit, Hike, dat gestim bitsjen,  
Hwet kenst der doch mei winne?

'k Bekin ik jowch er reden ta;  
't Mat oars, mear wille kenn' we ha,

As we elkoar skikke wolle.” —

Mar halde er oan 'e keamersdoar  
Of oan sîn koppich wiif dat foar,

Dat wier allike fülle.

Do tocht er: Frou, nou giet it oan!

Dou hest in les togoede.

Hy gîng to mûk op sneintomoarn

Nei doomny Giselroede,

Krekt foar 't de man nei tsjerke scoe,

Hwertröch er earst net komme koe:

Hwent den hie 't plan net slage.

Baes sei: „De greate ûntsteltenis,

Oer 'n ding dat mei to wûnder is,

Het my nei jo ta jage.

„Mîn wiif is suver sûnder praet;

'k Leau grif hia mist de sprake.

En neat ken 'k fine dat hiar baet;

Is dat gjin freamde sake?

Dat sloech it sloof earjistermoarn

In ienen in in omsiuch oan.

It nye wier alhiel forkeard ;

Mei 't alde moast men 't halde,

De doomnys sprieken lieagentael :

Hia wieren priesters fen de Baal ;

En boas en ûnforstannich

Wier 't hele menskdom, dat stie fest.

En baes wier, as de hele rest,

De wierheid ek fyannich.

It hûs wier alle dagen fol,

As baes mar op 'e boer wie,

En as er thûs wier mirk er wol

Dat hy der sahwet oer wie. —

„Ik woan der wrichtig yet net by,”  
Tocht baes, „dy bollebidderij

Der mat 'k in ein oan meitse.

As dat hier sa mar jimmer giet,

Den seil mîn hele boeltsje yet

Ris op 'e fesse reitse.” —

Hy sei tsjin 't wiif ris öp in moarn :

„Siuch Hike, dou mast leaue

Hwetst kenste, 'k steur my der net oan ;

Elk mat der fry in bliuwe.

Ik hald mîn eigen tinkbieldd ek ;

En fier is 't mis, nei mîn bestek,

Dat we elkoar derom haetsje.

Mar 'k merk, as ik om utens ben,

Den ha de friûnen hier de ren,

Den komme se op in practsje.

„Dat hier út friûnskip immen komt,

Ek dat mei 'k heel wol lye ;

Mar as ik thûs ben, ha 'k fornomd,

Dat den dy liuwe ûs mye.

Hwerom? Benn' hia den bang fen my ?

Ik wit it wol : der benn' goeds by,

Dy 't hier de kiel mar smarre.

Dy flayers renne mei dy wei,

En derom, lit dat lieaver nei ;

Dat mei ûs sa net barre.”

Hia waerd in ienen liik en spûn

Mar op mei skerpe reden.

En do 't hia dalik sa bigûn

Bleau Jelke net tofreden.

Hy sei: „Nou Hike, sids ik dy,  
Dat 'k dat gedöch net langer ly.

En doarst ik fierder weagje,  
Den seil 'k dat hele soadsje yet,  
Sa grif as ik baes Jelke hiet,  
Ris ta de doar út reagje.” —

Derop kaem Hike kwael werom,  
De boase sleat hiar mûle.

Hia wier wer as in peal sa stom  
En seach wer as in ûle.

„Der ha 'k,” sei baes, „wer 't âlde lest;  
Der ben 'k wer 'n dei of hwet oan fest.

Dat ha 'k nou for mîn bearen!  
Mar 'k wol en ken sa langer net;  
Ik moast hjar mei in liepe set

Dat al sjen ou to learen.

„Ik wit ho 't mat! Mar earst yet sjen  
Hwet seafte reden kenne. —

Lit, Hike, dat gestim bitsjen,  
Hwet kenst der doch mei winne?

'k Bekin ik jowch er reden ta;  
't Mat oars, mear wille kenn' we ha,

As we elkoar skikke wolle.” —

Mar halde er oan 'e keamersdoar  
Of oan sîn koppich wiif dat foar,

Dat wier allike fülle.

Do tocht er: Frou, nou giet it oan!

Dou hest in les togoede.

Hy gîng to mûk op sneintomoarn

Nei doomny Giselroede,

Krekt foar 't de man nei tsjerke scoe,

Hwertröch er earst net komme koe:

Hwent den hie 't plan net slage.

Baes sei: „De greate ûntsteltenis,

Oer 'n ding dat mei to wûnder is,

Het my nei jo ta jage.

„Mîn wiif is suver sûnder praet;

'k Leau grif hia mist de sprake.

En neat ken 'k fine dat hiar baet;

Is dat gjin freamde sake?

Dat sloech it sloof earjistermoarn

In ienen in in omsiuch oan.

